FEROARINGS YN DE FRYSKE TIIDWURDLIKE EINRIGE

In ûnderwyk nei in tal resinte syntaktyske feroarings by Frysktalige jongerein

Henk Wolf

Ynhâld

Foaropwurd

Haadstik 1: Yntroduksje 9
1.1 De tiidwurdlike einrige 11
1.1.1 Ynverzje 12
1.1.2 Ynverzje mei in te-ynfinityf 12
1.1.3 It IPP-effekt 13
1.1.4 Underskied tusken doelfoarm en nammefoarm 13
1.2 Ynterferinsjefryske einrigen yn 'e literatuer 13
1.3 Ynterferinsjefrysk as faze yn de taalferwerving 14
1.4 De ûndersyksfragen 15

Haadstik 2: De opset fan in ûndersyk 17
2.1 De typen einrigen 17
2.2 Metoade 20
2.2.1 mF'94 20
2.2.2 mN'94 21
2.2.3 sF'94 21
2.2.4 De toetsen 22
2.3 Seleksje fan de respondinten 22
2.4 It ôfnimmen fan de toetsen 22

Haadstik 3: It korpus 25
3.1 Faliditeit 25
3.2 Representativiteit 26
3.3 Ynventarisaasje 27
3.3.1 mF'94-o 27
3.3.2 mF'94-b 31
3.3.3 sF'94 33
3.4 Ynverzje 34
3.5 Ynverzje mei in te-ynfinityf 36
3.6 It IPP-effekt 37
3.7 Underskied tusken doelfoarm en nammefoarm 38
3.8 Ferskillende soarten Ynterferinsjefrysk? 39
3.9 De rolle fan taalferwervingsflaters 42
3.10 Taalferoaring 44
3.11 De ûtkomsten fan mF'94 45
3.11.1 mN'94-o 45
3.11.2 mN'94-b 49
3.12 Konklûzje 50

Haadstik 4: Ynterpretaasje 53
4.1 It opkommen fan it Ynterferinsjefrysk as nij fers- 53
4.1.1 It Ynterferinsjefrysk as nij fers-
kynsel

4.1.2 Regelütwreiding of regelütwreiding
4.2 De status fan it Ynterferinsjefrysk: taal of taalferwervingsfase 51
4.3 It senario fan "mingde ynfier" 51
4.4 Yoverzje 54
4.5 Yoverzje mei in te-ynfinityf 54
4.6 It IPP-effekt 60
4.7 Underskied tusken doelfoarm en nammefoarm 61
4.8 Konklüzje 66
67

Konklüzje 68
Gearfetting fan 'e ütkomsten fan it fjildündersyk 69
Konklüzje 69

List fan öfkoartings 71
Sinstypen 71
Syntaktyske aksaimerken 71
Syntaksis - oars 71
Talen 71
Toetsen 71

Tabeakken 73
aF'94-o 76
aF'94-b 77
aN'94-o 79
aN'94-b 81
aF 84

Bibliografy 85

Foaropwurd

Dit paper befettet in ferslach fan in fjildûndersyk dat ik dien haw yn de hjerst en winter fan 1994/'95, yn it ramt fan in ûndersyksstaazje oan de Fryske Akademy yn Ljouwert.

By dit ûndersyk haw ik gebrûk meitsje kind fan in part fan 'e risseltaten fan in fjildûndersyk fan Jehannes Ytsma út 1990. Sûnder dy risseltaten hie it grif ûnmooglik west om dit ûndersyk sa te dwaan as ik it no dien ha. Ik wol Jehannes graach o sa betankje, dêrfoar, en ek foar syn konstante begelieding.

Ik wol ek Durk Gorter en Jacomine Nortier tankje foar harren kommentaar op eardere ferzjes fan dit paper en harren help by de útfiering fan it ûndersyk.

Bysûndere tank bin ik ferskuldige oan Jarich Hoekstra foar syn help mei de syntaktyske analyze fan it ûndersyksmateriaal. Durk Veenstra en Willem Visser wol ik tankje foar harren kommentaar op 'e útwurking fan it syntaktyske part.

Renata van der Wal wol ik betankje foar har bemiddeling by it sykjen fan respondinten.

By eintsjebeslút wol ik alle respondinten tank sizze foar harren spontane meiwurking. Sûnder harren hie dit ûndersyk gjin käns fan slagjen hân.

Ljouwert, 17 febrewaris 1995.

Haadstik 1

Yntroduksje

De taalsitewaasje yn de provinsje Fryslân is yn de lêste tsientallen jierren bot feroare. Wie de posysje fan it Frysk en it Hollânsk yn 'e earste desennia fan dizze ieu noch dúdlik skaat, mei it Frysk as sprektaal fan suver de hiele befolking fan it plattelân en it Hollânsk as skriuw- en ûnderwiistaal en de taal fan de maatskiplike boppelaach, tsjintwurdich is it Hollânsk likegoed in sprektaal wurden fan in grut diel fan 'e befolking. Foar in wichtich part hat dat te krijen mei de ymmygraasje fan Hollânsktaligen. Benammen de lege priis fan huzen yn 'e sechstiger en santiger jierren wie dêr in belangrike faktor by. Fierders teagen ek in soad minsken út de tradisjoneel net Frysktalige stêden nei it plattelân.[1]

Dêrneist is ek de sitewaasje by de Frysktaligen sels feroare. Mei as gefolch fan 'e opkomst fan 'e massamedia en it langer folgjen fan ûnderwiis, binne sy folle mear in kontakt kaam mei it Hollânsk. It risseltaat dêrfan is dat hast alle Frysktaligen no twatalich binne. Boppedat wurdt fan harren ek binnen Fryslân faak ferwachte dat sy Hollânsk prate.

Yn Fryslân is dus demografyske, sawol as persoanlike twataligens ûntstien. Frysktaligen hawwe net inkeld in hiel soad te krijen mei Hollânsktaligen, sy meitsje sels ek diel út fan dy groep. It Frysk en it Hollânsk komme dus op ferskate manearen hieltiid meiïnoar yn kontakt. Dat hat derta laat dat it Frysk net inkeld minder brûkt wurdt, mar ek hiel hurd ynwindich feroaret, benammen by de jongste generaasje Fryskpraters. Dy feroaring hat syn beslach krigen op alle nivo's fan 'e grammatika.[2] It risseltaat is in Frysk dat frijwat ôfwiket fan it Frysk sa't de âldere generaasjes it prate.

Yn dit paper sil ik in tal resinte syntaktyske feroarings besprekke, oan 'e hân fan in fjildûndersyk ûnder Frysktalige jongerein. Ik sil dêrby in oersjoch foarmje fan 'e syntaktyske ferskillen op dy punten tusken it GF, it YF en it Hollânsk. Ik sil ek sjen nei hoe't it YF no krekt ta stân kaam is. Tenei

---

[1] Sjoch benammen Gorter (1984).

[2] Foar in oersjoch fan in tal eigenskippen fan it Ynterferinsjefrysk, sjoch û.o.: Feitsma (1971), Eising, Koopmans & Wieberdink (1981), Breuker (1984a), Breuker (1984b), J. Hoekstra (1987) en De Haan (1992b).

sil ik nei it Frysk, dêr't dy feroarings har beslach yn krigen ha, ferwize as *Ynterferinsjefrysk* (*YF*). It Frysk neffens de âlde noarm sil ik oantsjutte mei *Geef-Frysk* (*GF*).[3]

1.1 De tiidwurdlike einrige

In skaaimerk fan 'e Germaanske SOV-talen[4] is de foarming fan tiidwurdrigen oan 'e ein fan 'e sin. Dy rigen kinne ornaris net trochbrutsen wurde troch net-tiidwurden. Lykwols, de tiidwurdlike einrigen yn de ferskate talen ferskille frijwat. Yn dit paper sil ik fjouwer fan dy ferskillen tusken it GF en it Hollânsk besjen.[5] Yn de neikommende paragrafen sil ik dy koart yntrodusearje.

1.1.1 Ynverzje

In earste wichtich ferskil tusken 'e GF en 'e Hollânske tiidwurdlike einrige wurdt demonstrearre yn (1) en (2).

(1) a Pyt kin dat bêst dien ha
b * Pyt kin dat bêst ha dien

(2) a Piet kan dat best gedaan hebben
b Piet kan dat best hebben gedaan

(1) lit sjen dat der yn it GF mar ien folchoarder yn 'e einrige tastien is. Yn in SOV-analyze is dat de ûnderlizzende folchoarder. Yn it Hollânsk is it altyd mooglik en ynvertearje dy folchoarder. Yn guon gefallen is dat sels ferplichte, lykas (3) sjen lit.

(3) a * Ik kan de acteur spelen zien
b Ik kan de acteur zien spelen

Yn 'e literatuer wurdt gauris oannaam dat it YF ek ynverzje hat[6], mar der is gjin klearrichheid oer wannear't dat no krekt

---

[3] Sjoch û.o. Gorter (1984) en Tiersma (1986).

[4] Ik gean hjir út fan in SOV-hypoteze. Ik folgje dus net Kayne (1994) en, dêrop fuortbouwend, Zwart (1994).

[5] Sjoch ek De Haan (1987) en De Haan (1992a) foar in oersjoch fan 'e ferskillen tusken 'e Hollânske en 'e GF einrige. In oersjoch fan 'e mooglike einrigen yn it Frysk wurdt jûn yn Popkema (1987) en Eisma (1989).

[6] Sjoch û.o. Breuker (1984a), De Haan (1992b) en Abraham (1994).

foarkomt. Dêr sil ik by dit ûndersyk omtinken oan jaan.'

1.1.2 Fnverzje mei in te-ynfinityf

Fnverzje kin yn it Hollânsk ek syn beslach krije at it heechste tiidwurd in te-ynfinityf is. Yn it GF is dat net it gefal. De GF rige wurdt dan trochbrutsen troch it elemint te. Soks wurdt yllustrearre yn (4) en (5).

(4) a Pyt brocht syn jas nei de stomerij om him steame te litten
b * Pyt brocht syn jas nei de stomerij om him te litte steame

(5) a * Piet bracht zijn jas naar de stomerij om hem stomen te laten
b Piet bracht zijn jas naar de stomerij om hem te laten stomen

Ik sil ek foar te-ynfinitiven besjen hoe't sy har hâlde en drage yn 'e tiidwurdlike einrigen yn it YF.

1.1.3 It IPP-effekt

Wylst yn it komplemint fan in helptiidwurd lykas hebben en zijn in mulwurd ferwachtsje soest, feraskynt der yn it Hollânsk yn 'e tiidwurdlike einrige in ynfinityf. Dat wurdt it Infinitivus-pro-Participio-effekt (tenei IPP) neamd. Yn it Frysk is dat IPP-effekt ôfwêzich. Dêr stiet wol in mulwurd yn it komplemint fan hawwe en wêze. (6) jout in foarbyld út it Frysk, mei in mulwurd. Yn it Hollânske foarbyld yn (7) oppenearret him it IPP-effekt.

(7) a Sy hie Sinteklaas út 'e skuorstien kliuwen sjoen
b * Sy hie Sinteklaas út 'e skuorstien kliuwen sjen

(8) a * Zij had Sinterklaas uit de schoorsteen gezien klimmen
b Zij had Sinterklaas uit de schoorsteen zien klimmen

Oer in mooglik IPP-effekt yn it YF is, nei syn witten, amper skreaun.

1.1.4 Underskied tusken doelfoarm en nammefoarm

---

[1] Yn Grinslân is min ofte moar itselde proses oan 'e goang. Yn Booij, Mainardi en Spoelman (1980) wurdt dêr ferslach fan dien.

It GF hat twa ynfinitiven: de doelfoarm, dy't útgiet op /-@n/ en de nammefoarm, dy't útgiet op /-@/. Dy twa ynfinitiven steane yn komplemintêre distribúsje. Twa foarbylden wurde jûn yn (9) en (10).[8]

(9) a Ik kin har dêr rinnen sjen
b * Ik kin har dêr rinne sjen

(10) a Ik sil har mar rêstich lêze litte
b * Ik sil har mar rêstich lêzen litte

Yn it Hollânsk bestean dy twa ynfinitiven ek, mar sy komme yn frije distribúsje foar. (11) en (12) demonstrearje dat.[9]

(11) a Ik kan haar daar zien lopen
b Ik kan haar daar zien lope

(12) a Ik zal haar maar rustig laten lezen
b Ik zal haar maar rustig laten leze

Ik sil de doelfoarm tenei beskriuwe as in ynfinityf mei it skaaimerk <+n> en de nammefoarm as ien mei it skaaimerk <-n>. Foar de Hollânske ynfinityf is dat skaaimerk net relevant. Ik sil, wêr nedich, sizze dat de Hollânske ynfinityf net-spesifisearre is foar dit skaaimerk (<ø n>).

In oannimming oer it hâlden en dragen fan 'e ferskillende ynfinitiven yn it YF wurdt dien yn De Haan (1994). Dêr sil ik yn haadstik 4 noch op werom komme. Ik hoopje mei dit ûndersyk wat mear klearrichheid te bringen oer de distribúsje fan YF ynfinitiven.

1.2 Ynterferinsjefryske einrigen yn 'e literatuer

Benammen it ferskynsel ynverzje is al faak opmurken as in skaaimerk fan it YF. Dochs is it tal ûndersiken dy't har werklik rjochtsje op it ynventarisearjen fan hokker typen einrigen oft der no krekt foarkomme yn it YF mar lyts. Ik neam hjir benammen Eising, Koopmans & Wieberdink (1981) en Ytsma (1995).

It tal publikaasjes oangeande in syntaktyske ferantwurding fan 'e YF einrigen is hiel lyts. It YF komt sydlings oan 'e oarder yn Abraham (1994). Dêrneist besiket De Haan (1994) om in syntaktyske ferklearring te jaan fan in tal YF einrigen.

---

[8] Sjoch û.o. Kalma (1950), Tiersma (1985) en Eisma (1989) foar de distribúsje fan 'e twa ynfinitiven.

[9] De Hollânske stavering drukt it ferskil tusken beide ynfinitiven net út. Dêrom brûk ik yn (11) en (12) in net-standertstavering dy't it oanbelangjende ferskil wol oanjout.

De Haan (1994) syn idee is dat it YF ûntstien is troch "mingde ynfier". Dat hâldt yn dat it twatalige bern him tidens de iere taalferwerving mei op Hollânske taalynfier basearje soe by it foarmjen fan in Fryske grammatika. Ik sil besykje om te besjen yn hoefier oft dat idee strykt mei de útkomsten fan dit ûndersyk en mei ideeën út oare literatuer.

1.3 Ynterferinsjefrysk as faze yn de taalferwerving

Mei't net-GF einrigen benammen by de jonge sprekkers foarkomme, is it net ûnmooglik dat it YF gjin taal is dy't him folslein ûntjûn hat, mar dat de net-GF konstruksjes taalferwervingsflaters binne. Dat idee wurdt ûnder oaren oanhelle troch J. Hoekstra (1987), dy't seit:

> Dat de jongste groep minder de standertfolchoarder brûkt, kin derop wize dat dy learlingen wat it brûken fan 3 of mear tiidwurden yn ien sin oanbelanget, noch yn in learproses sitte.[10]

At soks sa wêze soe, soe it ferskynsel YF op in hiel oare wize beljochte wurde moatte, nammentlik as faze yn de taalferwerving. Dat idee sil ik ek omtinken oan jaan by dit ûndersyk.

1.4 De ûndersyksfragen

Op grûn fan it betinken yn 'e foargeande paragrafen bin ik kaam ta de neikommende fjouwer ûndersyksfragen, dy't ik besykje sil om te beänderjen mei dit ûndersyk:

-Hokker typen tiidwurdlike einrigen komme foar yn it YF?
-Yn hokker grammatikale kontekst komme Hollânske konstruksjes foar yn it Frysk (en mooglik ek oarsom)?
-Yn hoefier is it oan te nimmen dat it YF it risseltaat is fan "mingde ynfier" en taalferwervingsflaters?
-Yn hoefier binne de tiidwurdlike einrigen dy't yn it YF foarkomme yn oerienstimming mei de literatuer oer tiidwurdlike einrigen oer it generaal?

---

[10] J. Hoekstra (1987), s. 16.



Haadstik 2

De opset fan it ûndersyk

Yn dit haadstik sil ik in beskriuwing jaan fan 'e opset en it ferrin fan it fjildûndersyk. Ik jou in omskriuwing fan de typen einrigen dêr't ik nei sjoen ha en hoe't ik dy yn it ûndersyk ferwurke ha. Dârnei jou ik in koarte beskriuwing fan 'e praktyske útfiering fan it ûndersyk.

2.1 De typen einrigen

It ûndersyk hat him rjochte op it foarkommen yn it YF fan de fjouwer punten dy't ik yn it foarige haadstik te praat brocht ha, nammentlik ynverzje, ynverzje mei in fe-ynfinityf, it IPP-effekt en it ûnderskied tusken doelfoarm en nammefoarm. Dat binne fjouwer ferskynsels dy't yn in GF en it Hollânsk fers-kille en faak yn ferbân mei it YF oanhelle wurde. Dy punten kippe der benammen út om't gâns âldere Fryskpraters se mei klam ôfkarre.

Ik ha my by dit ûndersyk beheind ta einrigen dêr't net in bûgde tiidwurdsfoarm yn foarkomt. Foar de ynventarisaasje haw ik sjoen nei twa typen sinnen, nammentlik gewoane haadsinnen en *om...te...*-bysinnen. Mei't de ûndersochte sinnen fierhinne gelyk binne, is it makliker om se ûnderinoar ferlykje te kinnen.

Ik ha by dit ûndersyk gjin kloften meinaam fan mear as twa tiidwurden. By dat tal is it bûgde tiidwurd yn haadsinnen, dat nei foaren ferskood wurdt (it saneamde V2-effekt), net meirek-ke redenen; de neamde kontruksjes komme ek by relatyf ienfâldige sinnen foar, dat it is net nedich en sjoch nei komplekse sinnen. Twaddens, lestiger kloften dogge al gau wat ûnnatuerlik oan yn it Frysk[11], mei it risiko dat de respon-dinten te bot oer de sinnen neitinke moatte of flaters meitsje.

Rekkenjend mei dy betingsten, haw ik tsien typen einrigen oms-kreaun dêr't ik by dit ûndersyk nei sjen soe. Alle fjouwer oandachtspunten binne dêr teminsten ien kear yn ferstjintwur-dige. Dy kloften binne hjirûnder, útgeand fan in OV-struktuer,

[11] Sjoch û.o. Reuland (1990).

struktureel werjûn.[12]

(1) Fr: mulwurd mei temporeel helptiidwurd, gjin ynverzje

[[$V_{\langle -pp \rangle}$] V_{Aux}]

Nl: dito, ynverzje mooglik

[[$V_{\langle -pp \rangle}$] V_{Aux}] of
[[t_i] V_{Aux} $V_{\langle -pp \rangle i}$]

(2) Fr: nammefoarm mei modaal helptiidwurd as mulwurd, gjin ynverzje

[[$V_{\langle -n \rangle}$] $V_{\langle -pp \rangle}$]

Nl: IPP en ynverzje ferplichte

[[t_i] V_{IPP} $V_{\langle ynf \rangle i}$]

(3) a Fr: nammefoarm mei modaal helptiidwurd as nammefoarm, gjin ynverzje

[[$V_{\langle -n \rangle}$] V_{MCO}]

Nl: dito, ynverzje mooglik

[[$V_{\langle ynf \rangle}$] V_{MCO}] of
[[t_i] V_{MCO} $V_{\langle ynf \rangle i}$]

b Fr: nammefoarm mei *litte* as nammefoarm, gjin ynverzje

[[$V_{\langle -n \rangle}$] *litte*]

Nl: dito, ynverzje ferplichte

[[t_i] *litte* $V_{\langle ynf \rangle i}$]

(4) Fr: *te*-ynfinityf as komplemint fan nammefoarm, gjin ynverzje

[[*te*-V] $V_{\langle -n \rangle}$]

Nl: ynfinityf as komplemint fan ynfinityf, ynverzje ferplichte

[[t_i] $V_{\langle ynf \rangle}$ $V_{\langle ynf \rangle i}$]

---

[12] Fr = Geef-Frysk, Nl = Hollânsk.

(5) Fr: nammefoarm as komplemint fan te-ynfinityf, gjin ynverzje

[[$V_{\langle -n \rangle}$] te-V]

Nl: ynfinityf as komplemint fan te-ynfinityf, ynverzje ferplichte

[[t_i] te-V $V_{\langle ynf \rangle i}$]

(6) Fr: te-ynfinityf as komplemint fan ynfinityf, gjin ynverzje

[[te-V] V]

Nl: dito

[[te-V] V]

(7) Fr: nammefoarm as komplemint fan litte as te-ynfinityf, gjin ynverzje

[[$V_{\langle -n \rangle}$] te litten]

Nl: ynfinityf as komplemint fan laten as te-ynfinityf, ynverzje ferplichte

[[t_i] te laten $V_{\langle ynf \rangle i}$]

(8) Fr: doelfoarm as komplemint fan persepsjetiidwurd as mulwurd, gjin ynverzje

[[$V_{\langle +n \rangle}$] $V_{\langle +pp \rangle}$]

Nl: IPP en ynverzje ferplichte

[[t_i] V_{IPP} $V_{\langle ynf \rangle i}$]

(9) Fr: doelfoarm as komplemint fan persepsjetiidwurd as nammefoarm, gjin ynverzje

[[$V_{\langle +n \rangle}$] $V_{\langle -n \rangle}$]

Nl: ynfinityf as komplemint fan persepsjetiidwurd as ynfinityf, ynverzje ferplichte

[[t_i] $V_{i,ynf}$, $V_{i,ynf+1}$]

Op it earste each binne (1f) en (1h) gelyk, mar fanwegen it bysûndere karakter fan *litte* yn it Frysk[13] haw ik foar dat tiidwurd in apart type einrige naam.

It ferskynsel ynverzje spilet in rolle yn de typen (1), (2), (3a), (8) en (9). *te*-ynfinitiven haw ik besjoen oan 'e hân fan (4), (5), (6) en (7). Foar it IPP-effekt haw ik sjoen nei de typen (2) en (8). It ûnderskied tusken doelfoarm en nammefoarm spilet in rolle by alle typen, om't yn elk type in ynfinityf foarkomt.

Ik wol net úthâlde dat (1-9) in folslein oersjoch jouwe fan alle Fryske einrigen binnen de stelde beheinings, mar ik ha wol besocht om sa folle mooglik nei alle gedachten frekwint foarkommende kloften op te nimmen.

2.2 Metoade

It doel fan it fjildûndersyk wie trijeliddich. Om 'e ûndersyksfragen yn haadstik 1 beänderje te kinnen, moast ik mei trije aspekten rekken hâlde. Alderesrst sil ik in ynventarisaasje fan it materiaal meitsje. Dêrneist wol ik noch twa ideeën út 'e literatuer hikje dy't mei Fryske tiidwurdrigen te krijen ha. Dy trije aspekten komme yn it neifolgjende oan 'e oarder.

2.2.1 mF'94

Yn it foarste plak moast it ûndersyk in oersjoch jaan kinne fan hokker kloften oft der allegear foarkamen. Dat wie it ynventarisearjende aspekt. Om dêr in andert op jaan te kinnen, wie ik fan doel om in elisitaasjetoets te ûntwikkeljen. Om foar te kommen dat de respondinten te bot neitinke soenen oer de konstruksjes en sa flaters meitsje soenen, haw ik besocht om sa folle mooglik úterings út te lokjen dy't ticht by spontane spraak lizze. Ut transkripten fan petearen mei bern die bliken dat folslein spontaan taalgebrûk te min tiidwurdrigen opsmiet.[14] In akseptabel kompromis like my in toets mei sinnen dêr't de tiidwurdlike einrige oan ûntbrekt. De respondinten soenen dy dan oanfolje moatte. Om it ideaal fan spontaan taalgebrûk sa ticht mooglik benei te kommen moast dat in mûnlinge toets wêze.

---

[13] Sjoch û.o. De Haan (1992a).

[14] Dat binne transkripten fan lûdsmateriaal dat S. de Jong en A. Riemersma brûkt ha by harren ûndersyk *Taalpeiling yn Fryslân*. In beskriuwing fan dat materiaal is te finen yn De Jong & Riemersma (1994).

Om praktyske redenen moast it tal sintsjes foar elk type einrige beheind bliuwe. Ofhinklik fan it type haw ik tusken ien en fjouwer sintsjes ûntwikkelje kind dy't wierskynlik dat type rige útlokje soenen. Om de oandacht fan de respondinten wat fan de einrigen öf te lieden haw ik ek in tal saneamde *distractors* opnaam, sintsjes dy't net mei tiidwurden öfmakke wurde koenen.

In tal foarriedige ferzjes fan dy toets is hifke. It die bliken dat it net goed mooglik wie om rigen mei te-ynfinitiven út te lokjen, útsein dy fan type (7). Om dochs eat oer dy typen sizze te kinnen, haw ik dêr in beoardielingstoets foar ûntwikkele. Dêr wie in tal sinnen mei tiidwurdrigen yn opnaam. De respondint moast dy beoardielje op grammatikaliteit. De typen (4), (5), (6) en (7) waarden yn dy toets befrege. (7) bleau ek stean yn de oanfollingstoets.

Dy twa mûnlinge toetsen tegearre sil ik fierder oantsjutte as *mF'94*. De oanfollingstoets neam ik tenei *mF'94-o*, de beoardielingstoets *mF'94-b*.

Nei't twa respondinten hifke wienen, die bliken dat der út en troch rigen mei in te-ynfinityf brûkt waarden, dêr't noch de Fryske, noch de Hollânsk konstruksje yn brûkt waard. Dat ferskynsel fûn ik te nijsgjirrich om net mei te nimmen yn it ûndersyk, dat it is fan 'e tredde toetsöfnimming meinaam yn mF'94-b. De earste twa respondinten binne hjir dus net nei frege. Dêr't yn 'e neikommende haadstikken it tal respondinten lytser is, haw ik dat noch eefkes oanjûn.

2.2.2 *mN'94*

It twadde aspekt fan dit ûndersyk is it hifkjen fan it idee fan De Haan (1994) dat Frysk-Hollânske twatalige bern yn 't earstoan in mingde grammatika foar beide talen konstruearje. Dan soenen der ek yn it Hollânsk net-standertkonstruksjes foarkomme kinne. Om dat te hifkjen haw ik ek in Hollânsktalige toets, tenei *mN'94*, ûntwikkele, dy't suver gelyk is oan mF'94. De sinnen yn dy toets binne syntaktysk te ferlykjen mei de sinnen yn mF'94. Om de oandacht net te bot te fêstigjen op die oerienkomst binne in tal sintsjes leksikaal wat feroare.

De Hollânsktalige toets bestiet ek út in oanfollingstoets (*mN'94-o*) en in beoardielingstoets (*mN'94-b*). Lykas by mF'94 binne ek hjir in tal *distractors* taheakke.

Lykas by mF'94 binne de opfallende konstruksjes mei in te-ynfinityf ek pas fan 'e tredde öfnimming öf meinaam yn it ûndersyk.

2.2.3 *sF'94*

It tredde punt fan ûndersyk hat te krijen mei de mooglikheid dat it YF gjin folsleine taal is, mar in faze yn 'e taalfer-

werving, miskien spesifyk foar twatalige bern.

Yn 1990 hat J. Ytsma in skriftlike toets ôfnaam by in tal legere-skoallebern út groep 8 (en 5). Dy toets, tenei *sF'90*, bestie ek út sintsjes dy't ôfmakke wurde moasten. Dêr moast de respondint twa tiidwurden foar kieze út in groepke fan fjouwer.

Dy toets haw ik yn 1994 (as *sF'94*) op 'e nij brûkt by in tal fan deselde respondinten as yn 1990. Sa kin de mooglikheid hifke wurde dat feroarings yn 'e tiidwurdkloft te krijen ha mei taalferwervingsflaters. At dat it gefal is, soe men by sF'94 folle minder net-GF foarmen ferwachtsje as by sF'90.

2.2.4 De toetsen

De toetsen binne taheakke efter it lêste haadstik. Yn alle gefallen waarden se allegear tagelyk ôfnaam. Dêr't ik tenei *de toets* (fan 1994) sis, bedoel ik it alle trije toetsen dy't ik hjirboppe besprutsen ha.

2.3 Seleksje fan de respondinten

Om praktyske redenen haw ik it tal respondinten beheine moatten ta likernôch 20. Om dochs in ridlik betroubere diachrone ferliking meitsje te kinnen tusken sF'90 en sF'94 haw ik dy 20 respondinten selektearre út de groep dy't oan sF'90 meidien hat.

By de toets fan 1990 wie in trijedieling makke nei it persintaazje Frysktalige bern op elke skoalle. By de seleksje fan de respondinten fan 1994 haw ik de yn haadsaak Hollânsktalige skoallen bûten beskôging litten. Fan de restearjende skoallen haw ik de hûshâldens oanskreaun fan alle respondinten dy't yn it tillefoanboek werom te finen wienen. Yn it brief waard de opset fan it ûndersyk útlein en der waard sein dat der noch tillefoanysk kontakt opnaam wurde soe om de meiwurking fan 'e bern te freegjen. Yn in oantal gefallen die bliken dat dejingen dy't ik socht, net (mear) op it adres wennen dêr't it brief hinne stjoerd wie.

Fia de bern dy't oanskreaun wienen, haw ik noch in tal âldklasgenoaten fine kind. Uteinlik kaam ik út op 21 respondinten. Dêr is ien fan ôffallen, om't er te folle muoite hie mei de mûnlinge toets. It tal respondinten by myn toets is dus útkaam op 20. Om't sy y 1990 allegear yn groep 8 sieten, sille sy no likernôch 16 jier âld west ha.

2.4 It ôfnimmen fan de toetsen

It ôfnimmen fan de toetsen gong sûnder folle problemen (mei útsûndering fan de respondint dêr't ik it yn 'e foarige paragraaf oer hie). Wol die bliken dat in oantal yn de toets

foarkommende wurden net by alkanien bekend wiemen. It gong dêrby om de wurden 'farsk' en 'de mar'. By binne yn de rin fan it Ûndersyk farfongen troch 'fars' (net op papier, allinne yn de Ûtspraak) en 'it kanaal'.

Yn alle gefallen waard oankundige dat de toets ût fiif dielen bestie. Dêr waard in koarte omskriuwing fan jôn. Dêrnei waard foar it begjin fan elk Ûnderdiel koart omskreaun wat fan de repsondint farwachte waard.

By it Ôfnimmen fan mF'54-o en mN'54-o waard gjin fêste folchoarder oanholden foar it befreegjen fan 'e sinnen. Der waard allinne mei rekkene dat de distractors frijwat lykmjittich ferdield waarden oer de toets. By de beoardielinge waard wol de folchoarder oanholden as't dy op papier stiet. De folchoarder fan 'e Ûnderdielen Ûnderling wie ek fêst: mF'54-o, mF'54-b, mN'54-o, mN'54-b, mF'54.

De "eetstaal" tidens it Ôfnimmen stie net yn 't foar fêst. Dy hong wat fan 'e sitewaasje Of. Yn in peer gefallen waard Hollânsk brûkt by de omskriuwing fan it Hollânsktalige diel en Frysk foar it Frysktalige diel. Yn ien gefal waard inkeld Hollânsk brûkt. Lykwols, yn fierwei de meeste gefallen wie de fiertsel Frysk. It Ôfnimmen fan de toets duorre yn alle gefallen tsien oant 30 minuten.

It korpus

Yn dit haadstik sil ik it brûken fan de ferskillende toetsen ferantwurdzje. Dêrnei sil ik op basis fan it toetsmateriaal sjen litte hoe't de trije ûndersyksdoelen, lykas steld yn haadstik 2, beäntwurde wurde kinne. Ik sil elk fan dy doelen (it ynventarisearjen fan 'e mooglike einrigen, it toetsen fan 'e moeglikheid fan mingde ynfier op grûn fan mN'94 en it hifkjen fan 'e mooglikheid dat it YF in faze yn 'e taalferwerving is) apart besprekke.

3.1 Faliditeit

Nei't de toetsen öfnaam wienen, haw ik in ferliking makke tusken de útkomsten fan sF'94 en de tagelyk öfname mF'94, oangeande it ferskynsel ynverzje. It docht bliken dat syntaktysk te ferlykjen sinnen yn beide toetsen likernöch deselde ferhälding tusken ynvertearre en net-ynvertearre foarmen opsmite. Yn tabel (1) stiet it cantal "krekte" GF folchoarders dat foarkomt by elk type.

(1)

Persintaazje GF folchoarders by sF'94 neffens mF'94[15]

sF'94	mF'94	mF'94	mF'94
tw1	f3ba	65	70
tw2	f3ab	79	55
tw3	f9a	65	65
tw5	f2a	70	65
tw7	f8a	74	80
gemidd.		71	67

(1) lit sjen dat de persintaazjes hiel aardich oerien komme. Allinne yn it gefal fan tw2 yn sF'94 liket der in grut ferskil te wêzen mei de korrespondearjende sin yn mF'94, f3ab. Faaks is dat te ferklearjen út in ferskil tusken de helptiidwurden

[15] It is hjir allinnich om de folchoarder te rêden, net om de foarm fan de wurden. It giet hjir om de 20 selekteare respondinten dy't oan beide toetsen meidien ha.

yn dy sinnen; *sille* en *moatte*. Beide sinnen binne hjir werhelle yn (2).

(2) a Do soest ek wol op myn feestje ...
b Al is sa'n tennisskoech der net foar bedoeld, neffens my moatst der toch ek wol mei tsjin in bal ...

De persintaazjes fan sF'94 binne útrekkene oer alle 20 bern hinne. By mF'94 binne de sifers basearre op alle bern dy't in tiidwurdkloft yn har andert brûkten. Dat binne nearne minder as 19.

Ik haw yn boppeneamde ferliking inkeld sjoen nei it ferskynsel ynverzje. Oare ferskynsels binne min te ferlykjen, mei't de ferskillen tusken de brûkte sinnen yn 'e twa toetsen te grut binne.

Ut tabel yn (1) meitsje ik op dat de beide toetsen sa't it liket ridlik falide binne; at de respondinten bygelyks in protte gokt hienen, hienen de útkomsten nei alle gedachten in stik fierder útinoar lein.

3.2 Representativiteit

De groep respondinten fan sF'90 omfieme 102 learlingen út groep 8, wylst de groep út 1994 mar 20 persoanen grut wie. Om sa reëel mooglik byld te krijen, haw ik foar de ferlikings mei sF'94 net de hiele groep fan sF'90 naam, mar in seleksje fan dy 20. Men kin jin dêrby öffreegje yn hoe fier oft dy seleksje representatyf is foar alle respondinten fan sF'90.

De kar foar dizze 20 respondinten is at random makke. De geografyske sprieding wie ek goed. Ik ferwachtsje dêrom dat de risseltaten fan 'e lytse groep net botte öfwike sille fan 'e útkomsten fan 'e grutte groep.

It materiaal sels stipet dy oannimming. Yn 'e tabel yn (3) steane ferlikings tusken de persintaazjes "krekte" GF folchoarders yn sF'90 by, efterinoar, de hiele stekproef en de 20 selektearre bern.

(3)

Persintaazje GF folchgarders by sF'94[16]

sin	hiele groep	seleksje fan 20	
tw1	70	75	
tw2	42	60	Pas op! Do moast dy faas net falle litte
tw3	50	50	Do soest ... op myn feestje komme kinne
tw4	62	65	Ik wol M. ... yn it echt sjongen hearre
tw5	57	55	Dat boek kin dêr wol lizzen bliuwe
tw6	50	65	Klaas hie syn lytse suske helpe moatten
tw7	49	60	Dêr hie ik myn bril hast falle litten
tw8	47	55	Ik ha juf yn de stêd rinnen sjoen
			Jan is te lang op bêd lizzen bleaun

Lykas bliken docht, lizze de útkomsten fan 'e hiele groep en 'e seleksje by de measte sinnen ticht byinoar. Fansels binne der öfwikings as gefolch fan 'e gruttens fan 'e stekproef, mar de ferskillen binne nearne hiel grut.

Op grûn fan dizze risseltaten is it gebrûk fan 'e seleksje by ferlikings dus te ferdigenjen.

3.3 Ynventarisaasje

Lit ús no ris sjen nei hokker foarmen oft der allegear foarkomme by de trije Frysktalige toetsen fan 1994, mF'94-o, mF'94-b en sF'94.[17]

3.3.1 mF'94-o

(4) jout fan mF'94-o oan hokker typen anderten oft jûn binne. Yn alle gefallen is in foarbyld jûn fan in moaglike oanfolling fan dat type.

[16] De persintaazjes binne berekkene neffens it totaal oantal anderten.

[17] Yn 'e neikommende tabellen stiet by elk sinstype it korrespondearjende nûmer fan 'e einrige út haadstik 2 fernijd.

Skoares foar elk type yn mr'94[18]

1 Fr: mulwurd mei temporeel helptiidwurd, gjin ynverzje
Nl: dito, mar ynverzje mooglik

	50
1 = mulwurd + helptw.	1
2 = helptw. + mulwurd	49
0 = oars	
a ... dan soed er no sechstich jier	30
1 west ha	5
2 ha west	65
0	
b ... soe ik no fan skoalle ôf	5
1 west ha	95
0	
c ... soe ik beslist net sa folle fan dy pudding	70
1 iten ha	30
0	
d De smoarge kopkes en pantsjes moatte noch wol	95
1 ôfwosken wurde	5
0	

2 Fr: Nammefoarm mei modaal helptiidwurd as mulwurd, gjin ynverzje
Nl: IPP en ferplichte ynverzje

1 = nammefoarm + mulwurd	68
2 = IPP + nammefoarm	23
0 = oars	8
a Dan hiest dyn rippetysje ek mar better	
1 leare moatten	70
2 moatte leare	30
b ... dy hie sels in professor net	
1 meitsje kind	70
2 kinne meitsje	20
0	10
c Einliks hie de toanielspiler altyd leaver in clown	
1 wêze wold	65
2 wolle wêze	20
0	15

[18] De persintaazjes binne berekkene neffens it totaal oantal anderten dat de sin jûn wie, foar alle respondinten dy't dy sin beändere ha.

3$_s$Fr: Nammefoarm mei modaal helptiidwurd as nammefoarm, gjin ynverzje
Nl: dito, ynverzje mooglik

1 = 2 nammefoarmen, gjin ynverzje 83
2 = 2 nammefoarmen, wol ynverzje 15
0 = oars 3

a Ik soe dat pureltsje bêst
1 dwaan wolle 90
2 wolle dwaan 10

b ... neffens my moatst der toch ek wol mei tsjin in bal
1 skoppe kinne 75
2 kinne skoppe 20
0 5

3$_s$Fr: nammefoarm mei *litte* as nammefoarm, gjin ynverzje
Nl: dito, mar ynverzje ferplichte

1 = 2 nammefoarmen, gjin ynverzje 65
2 = 2 nammefoarmen, wol ynverzje 33
3 = doelfoarm + nammefoarm, gjin ynv. 3

a Us heit soe ús hûs noait troch sa'n djoere skilder
1 fervje litte 65
2 litte fervje 35

b ... hy wol it net troch ien fan de bern
1 dwaan litte 65
2 litte dwaan 30
3 fervjen litte 5

7 Fr: nammefoarm as komplemint fan in te-ynfinityf, sûnder ynverzje
Nl: dito, mar ynverzje ferplichte

1 = nammefoarm + *te litten* 28
2 = *te litte* + nammefoarm 25
6 = *te* + nammefoarm + *litten* 3
7 = *te* + doelfoarm + *litten* 3
9 = *te* + doelfoarm + *litte* 3
10 = *te litte* + doelfoarm 35
11 = *te* + doelfoarm + *litten*
-> *te litte* + nammefoarm 3
0 = oars 3

a ... hy gong nei de fytsmakker om syn bân
1 plakke te litten 30
2 te litte plakke 25
7 te plakken litten 5
10 te litte plakken 35
0 5

b ... om it troch him
1 knippe te litten 25
2 te litte knippe 5
6 te knippe litten 5
9 te knippen litte 35
10 te litte knippen
11 te litte knippe (nei ferbetterjen) 5

8 Fr: doelfoarm as komplemint fan persoanjetiidwurd as
mulwurd, gjin ynwerzje
Nl: IPP en ynwerzje

1 doelfoarm + mulwurd, gjin ynv. 59
2 nammefoarm + nammefoarm, gjin ynv. 3
3 nammefoarm + doelfoarm, mei ynv. 17
4 mulwurd + doelfoarm, mei ynv. 12
6 nammefoarm + mulwurd, gjin ynv. 1
0 oars 9

a Ik ha de pake noch nooit sûnder bril in krante
1 lêzen sjoen 74
2 sjen lêze 5
3 sjen lêzen 11
4 sjoen lêzen 11

b ... ik haw him noch nooit foar clown
1 spyljen sjoen 60
3 sjen spyljen 10
4 sjoen spyljen 10
6 spylje sjoen 5
0 15

c By sangeres haw ik dat ferske al faker
1 sjongen heard 55
2 hearre sjonge 5
3 hearre sjongen 25
0 15

d ... ik haw him noch nooit sigaren
1 roken sjoen
3 sjen roken 47
4 sjoen roken 21
0 26
5

9 Fr: doelfoarm as komplemint fan persoanjetiidwurd as
nammefoarm, gjin ynwerzje
Nl: ynwerzje ferplichte

1 = doelf. + nammef., gjin ynwerzje 60
2 = nammef. + nammef., gjin ynwerzje 25
3 = nammef. + doelf., wol ynwerzje 10
4 = nammef. + nammef., wol ynwerzje 5

a	Ik koe ús buorlju dúdlik oer polityk	
1	praten hearre	60
2	hearre prate	25
3	hearre praten	10
4	prate hearre	5

Lykas bliken docht, wurdt de GF konstruksje dúdlik it meast brûkt. Dêrneist komt ek de Hollânske konstruksje foar. Yn guon gefallen binne der dêrneist lykwols noch oare foarmen.

Yn it foarste plak binne der foarmen dêr't de kar fan 'e ynfinityf (nammefoarm of doelfoarm) net strykt mei de GF noarm, alhoewol't de konstruksje fierders wol neffens de noarm is. In foarbyld is mooglikheid nû. 6 by f8b: spylje sjoen.

Nijsgjirriger binne de foarmen dy't hielendal oars binne as de GF en Hollânske konstruksjes. De mooglikheden 6 en 7 by f7b binne hjir foarbylden fan. Dêr oppenearet him de folchoarder *te* + ynfinityf + litte(n).

In oar foarbyld fan sa'n konstruksje wurdt foarme troch de mooglikheden 4 en 6 by f8a, b en d (*sjoen roken* ensfh.). Hjir komt de folchoarder mulwurd + ynfinityf foar. Ek opfallend is dat dy konstruksje ridlik frekwint foarkomt. By f8c komt dy konstruksje frjemdernôch net foar.

3.3.2 mF'94-b

It twadde diel fan mF'94 bestiet út in rychje sinnen dat beoardiele wurde moast. Yn (5) stiet in oersjoch fan dy beoardielings. De getallen jouwe (yn persintaazjes) it oantal respondinten oan dat de sin goedkarde.

(5)

Persintaazje goedkarde sinnen yn mei-94-b[19]

4 Fr: *te*-ynfinityf as komplemint fan nammefoarm
Nl: ynfinityf as komplemint fan ynfinityf, ferplichte ynverzje

Bg. We kinne wol even by it kanaal

te fiskjen gean	95
gean fiskjen	75
gean fiskje	60
gean te fiskjen	50
fiskjen gean	70
fiskje gean	65

5 Fr: ynfinityf as komplemint fan in *te*-ynfinityf (*leare*), sûnder ynverzje.
Nl: dito, mar ynverzje ferplichte.

Bg. Dy kursus is der om bûtenlanners in brief

skriuwe te learen	50
te leare skriuwe	65
te learen skriuwe	45

6 Fr: *te*-ynfinityf as komplemint fan ynfinityf, gjin ynverzje.
Nl: dito

Bg. We kinne dy minsken wol

te iten freegje	95

7 Fr: nammefoarm as komplemint fan in *te*-ynfinityf (*litte*), sûnder ynverzje.
Nl: dito, mar ynverzje ferplichte.

Bg. Jan gong nei de klokmakker om syn horloazje

te reparearje litte	39	(fan 'e 18 respondinten)
meitsje te litten	65	
te litte meitsje	60	
te litten meitsje	40	
te reparearje litten	28	(fan 'e 18 respondinten)

[19] Yn alle gefallen binne de persintaazjes berekkene oer alle 20 respondinten, útsein wannear't it oars oanjûn is.

Ut (5) docht benammen bliken dat in grut diel fan 'e respondinten de opfallende konstruksjes as te reparearje litte(n) by f7 goedkeart, al brûkt lang net elkenien dy konstruksje ek, lykas bliken docht ût (4).

Ek opfalland is eat wat wat liket op oergeneralisaasje fan te-ekstraposysje. De rige geane ta fiskjen by f4 wurdt docha noch troch de helte fan 'e respondinten goedkard.

Ek yn (5) komt wer dûdlik nei foaren dat der in grutte ûnwissens is oer it gebrûk fan 'e krekte ynfinityf (mei of sûnder -n); yn guon gefallen is der net in grut ferskil tusken de beoardieling fan in sin mei in nammefoarm en deselde sin mei in doelfoarm, bygelyks by f4, dêr't fiskje geane troch 65% fan 'e respondinten goedkard wurdt en fiskjen geane troch 70%.

3.3.3 sF'94

By eintsjebeslût sF'94. De útkomsten dêrfan steane yn (6). De getallen jouwe oan hoe faak oft de konstruksje dêr't it om giet brûkt wurdt neffens de oare anderten.

(6)
útkomsten sF'94[20]

tw1 Pas op! Do moast dy faas net

1. falle litte	65
2. litte falle	25
3. falle litten	5
6. litte fallen	5

tw2 Do soest ek wol op myn feestje

1. komme kinne	50
2. kinne komme	45
3. komme kinnen	5

tw3 Ik wol Madonna graach ris yn it echt

1. sjongen hearre	60
2. hearre sjongen	20
6. hearre sjonge	15
7. sjonge hearren	5

[20] De persintaazjes binne berekkene neffens it totaal oantal anderten. It giet yn alle gefallen om de 20 selektearre respondinten.

tw4 Dat boek kin dêr wol lizzen bliuwe

1. lizzen bliuwe	55
2. bliuwe lizzen	15
3. lizzen bliuwen	10
5. lizze bliuwe	10
6. bliuwe lizze	5
7. lizze bliuwen	5

tw5 Klaas hie syn lytse suske

1. helpe moatten	55
2. moatten helpe	60
3. helpe moatte	10
4. moatte helpe	10
6. moatten helpen	10
8. moatte helpen	10

tw6 Ho! Dêr hie ik myn bril hast

1. falle litten	60
4. litte falle	10
5. fallen litten	5
6. litten fallen	5
7. fallen litte	5
8. litte fallen	15

tw7 Ik ha juf yn de stêd

1. rinnen sjoen	80
2. sjoen rinnen	10
6. sjoen rinne	10

tw8 Jan is te lang op bêd

1. lizzen bleaun	50
2. bleaun lizzen	15
4. bliuwe lizzen	25
6. bleaun lizze	10

Yn 'e neikommende paragrafen sil ik wat djipper yngean op it foarkommen fan 'e fjouwer syntaktyske oandachtspunten yn dizze toetsen.

3.4 Ynverzje

It ferskil tusken de folchoarders yn tiidwurdkloften fan ferskillende talen is in faak beskreaun ûnderwerp, dêr't ek yn

it ramt fan de feroaringa yn it Frysk oer skreauwn is.[21] Ytsma (1995) ûnderskiedt fjouwer typen sinnen en jout oan dat it gebrûk fan ynwerzje net by alle typen gelyk is. (7) jout in oersjoch fan 'e tapassing fan ynwerzje by de ferskillende typen yn mF'94.

Ik sil it ferskynsel ynwerzje besprekke oan 'e hân fan 'e neikommende sinstypen ût mF'94: f1, f2, f3a, f3b, f8 en f9, en folchoarders yn mF'94. (8) jout de persintaazjes GF en ynvertearre sF'94.

(7)

Persintaazje net-ynvertearre en ynvertearre folchoarders by mF'94[22]

sins-type	net-ynvert.	ynvert.	oars
f1	50	1	49
f2	68	23	8
f3a	83	15	3
f3b	68	33	-
f8	75	19	9
f9	65	35	-
gemidd.	68	21	12

[21] Sjoch û.o. Tiersma (1985), Tiersma (1986), Hoekstra (1987), De Haan (1990), De Haan (1992b), De Haan (1994) en Ytsma (1995).

[22] It giet hjir om de 20 selekteare respondinten.

(8)
Persintaazje net-ynvertearre en ynvertearre folchoarders by mF'94[23]

sin	net-ynvert.	ynvert.
tw1	70	30
tw2	55	45
tw3	65	35
tw4	80	20
tw5	65	35
tw6	70	30
tw7	80	20
tw8	50	50
gemidd.	67	33

Acht respondinten makken op de items fan mF'94 gjin inkelde folchoarderflater. Seis respondinten dienen alle folchoarders goed by sF'94.

It docht bliken dat de ynvertearre ("foute") folchoarder nea faker foarkomt as de GF folchoarder. Yn it gefal fan in kombinaasje fan in mulwurd mei in helptiidwurd (f1) wurde sels amper flaters makke. Yn beide toetsen wurdt de GF folchoarder dochs likernôch trijeris sa faak brûkt as de ynvertearre folchoarder.

Opfallend is dat de *items* dêr't yn it Hollânsk IPP foarkomt, nammentlik f2, f8, tw5, tw6, tw7 en tw8, net dúdlik oars skoare as de oare sinnen.

Der is wol frijwat fariaasje tusken de ferskillende *items*. Under oaren it ferskil tusken f3a en f3b is wat merkweardich, mei't men op grûn fan 'e typedefinysjes by type f3a mear ynvertearre foarmen ferwachtsje soe as by f3b, dêr't ynverzje yn it Hollânsk net mooglik is. In útstel foar in ferklearring hjirfan wurdt jûn yn Ytsma (1995), dy't ynverzje yn 'e Hollânske oersettings fan f3b net ûnakseptabel fynt. It liket oft Frysktaligen yn dy gefallen folle minder muoite ha mei ynverzje as net-Frysktaligen. Hjir mankearret lykwols empiryske stipe.

3.5 Ynverzje mei in *te*-ynfinityf

Mei *te*-ynfinitiven liket it wat oars. Ynverzje komt dêr folle faker foar as by rigen mei twa gewoane ynfinitiven. Ik sil de sitewaasje yn it YF besprekke oan 'e hân fan f7 (yn mF'94-o), bf4, bf5 en bf6 (mF'94-b). Sjoch de tabellen yn (4) en (5).

[23] It giet hjir om de 20 selektearre respondinten.

Yn mF'93-o wurdt de GF konstruksje yn noch mar 28% persint fan de gefallen brûkt. Ut mF'94-b docht bliken dat mar 65% fan 'e respondinten dy konstruksje goedkart.

De konstruksje *te* + *litte* + nammefoarm (lykas yn it Hollânsk) komt sa'n bytsje like faak foar as de GF konstruksje. Hiel opfallend is dat de kombinaasje *te* + *litte* + doelfoarm sa faak foarkomt. Dy wurdt yn 35% fan 'e gefallen brûkt. Yn mF'94-b kaam er net foar, gewoanwei om't ik yn it foar net mei de mooglikheid fan dy konstruksje rekkene hie.

Ek opfallend is dat altemets de konstruksje *te* + ynfinityf + *litte(n)* foarkomt. Mei in nammefoarm en litte wurdt dy konstruksje troch 39% fan 'e respondinten goedkard, mei litten troch 28%.

As lêste is it opmerklik dat der út en troch oergeneralisaasje fan *te*-ekstraposysje liket plak te finen. Dit wurdt al even oanhelle yn paragraaf 6 fan dit haadstik. De konstruksje *gean te fiskjen* by f4 yn mF'94-b wurdt troch 50% fan 'e respondinten oanfurdige.[24] Dy konstruksje is sawol yn it GF as yn it Hollânsk ûngrammatikaal.

3.6 It IPP-effekt

Yn guon gefallen oppenearret him yn it Hollânsk it IPP-effekt. Dat komt altyd tegearre mei ynverzje. De GF tsjinhingers hawwe altyd in konstruksje mei in ynfinityf en in mulwurd, sûnder ynverzje fansels.

By it besprek fan it IPP-effekt binne de neikommende types fan belang; fan mF'94: f2 en f8, en fan sF'94: tw7 en tw8. Winliks hearre tw5 en tw6 der ek by, mar hjir hawwe de mulwurden deselde foarm as de doelfoarmen, sa't it ferskil net hielendal klear wurdt.

Yn (9) en (10) binne de persintaazjes GF foarmen en IPP-foarmen op dy types werjûn.

---

[24] Dat ferskynsel waard yllustrearre troch de iennichste respondint dy't f6 ôfkarde. Sy joech as kommentaar dat dat dochs *freegje te iten* wêze moast, alhoewol't dizze konstruksje yn it Frysk, sawol as yn it Hollânsk foarkomt.

(9)

Persintaazjes GF en net-GF wurdfoarmen by mF'94[25]

sins-type	GF	net-GF (=IPP)	oars
f2	68	23	8
f8	72	19	9
gemidd.	70	21	9

(10)

Persintaazjes GF en net-GF wurdfoarmen by sF'94[26]

sin	GF	net-GF (=IPP)
tw7	90	10
tw8	75	25
gemidd.	83	18

Hjir docht ek dúdlik bliken dat der in foarkar is foar de GF foarm. Opfallend is dat by dy sinnen soms ynverzje sûnder IPP foarkomt. Yn it Hollânsk binne dy ferskynsels by dit soarte fan konstruksjes altyd keppele. IPP komt lykwols yn it YF ek net foar sûnder ynverzje.

3.7 Underskied tusken doelfoarm en nammefoarm

In wichtich ferskil tusken it Hollânsk en it GF is dat yn it Hollânsk ynfinitiven op /-@/ en op /-@n/ frije farianten binne, wylst se yn it Frysk yn komplemintêre distribúsje steane. Ut dit fjildûndersyk docht bliken dat dat ferskil weiwurdt yn guon konstruksjes, mar lang net oeral. Hjirûnder sil ik dat systematysk taljochtsje. Ik sil de GF ynfinityf dêrby beskriuwe as <±n> (posityf of negatyf spesifisearre foar de útgong /-@n/) en de Hollânske as <øn> (net spesifisearre).

Lit ús nochris de tabellen yn (4) en (5) besjen. Yn mF'94 ferskynt by gjin inkeld sinstype in útgong /-@n/ dêr't net al in skaaimerk <+n> yn 'e soartgelikense GF tiidwurdrige oanwêzich is. Dit is opmerklik at men oannimme soe dat de spesifikaasje foar it <±n>-skaaimerk fuortfalt.

[25] It giet hjir om de 20 selektearre respondinten.

[26] It giet hjir om de 20 selektearre respondinten.

Twaddens is it opfallend dat de útgong /-@/ gauris foarkomt wêr't yn it GF /-@n/ stiet. Dit ferskynsel oppenearret him tygelyks yn 'e oanfolling te litte plakke by f7.

In trédde patroan is eat wat liket op ferskowing fan it <+n>-skaaimerk nei in oar tiidwurd. In foarbyld hjirfan is te litte *plakken* by f7, in type oanfolling dat yn 35% fan 'e gefallen brûkt waard.

As lêste neam ik noch in ferskynsel dat ik mar karakterisearje sil as it kopiearjen fan it <+n>-skaaimerk, lykas yn te *plakken litten* by f7. Dat komt lykwols net frekwint foar.

Yn sF'94 komt út en troch wol de útgong /-@n/ foar, dêr't yn it GF gjin <+n> foarkomt. Ek hjir is dat lykwols net frekwint. Mooglik spilet by sF'94, dy't ommers skriftlik ôfnaam waard, ûnwissens oer de stavering in rolle.

3.8 Ferskillende soarten Ynterferinsjefrysk?

Yn dizze paragraaf sil ik koart in oersjoch jaan fan 'e gearhing tusken in tal YF foarmen, sa't dy yn dit ûndersyk foar it ljocht komme.

Ik sil úteinsette mei in besprek fan 'e opmerklike konstruksje mulwurd + ynfinityf, dy't him oppenearret by f8 yn mF'94 en tw7/tw8 yn sF'94.

De respondinten dy't dy konstruksje brûkten, dienen dat net konsekwint. Lykas sein, hy komt inkeld foar mei de tiidwurden *sjen* en *bliuwe*. Dêrneist brûke alle respondinten ek oare konstruksjes; benammen de GF en de Hollânske konstruksje. Guons brûke sels alle trije mooglikheden. As yllustraasje steane yn (11) in oantal úterings fan ien fan 'e respondinten.[27]

(11) a Ik ha ús pake noch noait sûnder bril in krante sjoen lêzen (f8a)
b ... ik haw him noch noait foar clown sjoen spyljen (f8b)
c ... ik haw him noch noait in sigaar sjoen roken (f8d)
d Dy sangeres haw ik dat ferske al faker hearre sjongen (f8c)
e Jan is te lang op bêd bliuwe lizzen (tw8)
f Ik ha juf yn de stêd rinnen sjoen (tw7)

Dizze respondint liket in foarkar te hawwen foar de konstruksje mulwurd + ynfinityf yn mF'94 (11a-d) en in foarkar foar in IPP-konstruksje yn sF'94. Dit is lykwols net patroanmjittich. As foarbyld in oantal úterings fan in oare

---

[27] Respondintnû. 2416.

respondint yn (12).[28]

(12) a Ik ha ûs pake noch noait sûnder bril in krante lêzen sjoen (f8a)
b ... ik haw him noch noait foar clown spyljen sjoen (f8b)
c ... ik haw him noch noait in sigaar roken sjoen (f8d)
d Dy sangeres haw ik dat ferske al faker sjongen heard (f8dc)
e Ik ha juf yn de stêd sjoen rinne (tw7)
f Jan is te lang op bêd bleaun lizze (tw8)

Dizze respondint brûkt yn f8 by mF'94 hieltiid de GF konstruksje, wylst yn sF'94 de mulwurd + ynfinityfkonstruksje de foarkar liket te hawwen. Opfallend is wol dat dizze respondint yn (12e-f) de -n fuortlit. Ek dat dogge net alle respondinten. As foarbyld neam ik de respondint yn (13).[29]

(13) a Ik ha juf yn de stêd sjoen rinnen (tw7)
b Jan is te lang op bêd bleaun lizzen (tw8)

Dy respondint brûkte by f8 yn mF'94 systematysk de Hollânske konstruksje.

Meiïnoar binne der 9 respondinten dy't wolris de mulwurd + ynfinityfkonstruksje brûke. Dêrnjonken binne der guons dy't wol sinnen meitsje mei de Hollânske konstruksje, mar net mei de konstruksje mulwurd + ynfinityf. 18 fan 'e 20 respondinten brûkten yn teminsten ien gefal yn mF'94 de GF konstruksje (even ôftocht fan it ûnderskied nammefoarm/doelfoarm). Dit oantal is itselde foar beide toetsen tegearre. Hjirfan brûkten 5 respondinten systematysk de GF konstruksje, sawol yn f8 fan mF'94 as yn tw7-8 fan sF'94.

It liket dus oft der yn it YF trije "trimen" binne by sinnen dêr't de Hollânske wjergader IPP en ynverzje hat. Yn it foarste plak binne der respondinten dy't inkeld de GF konstruksje brûke. Twaddens binne der respondinten dy't dêrneist de Hollânske konstruksje brûke. En der is in groep respondinten dy't dêrboppe nochris de konstruksje mulwurd + ynfinityf brûkt.

Ek opmerklik is de konstruksje *te* + ynfinityf + *litte(n)*, lykas yn (14).

(14) Nynke joech har treinkaartsje

---

[28] Respondintnû. 2814.

[29] Respondintnû. 2412.

oan de kondukteur om it troch
him te knippe litten (f7b)

Dy konstruksje komt net faak foar. Meiinoar waard trije kear dizze oanfolling brûkt. Ek wie der noch ien respondint dy't earst de rige *te knippen litten* brûkte en him dêrnei ferbettere ta *te litte knippe*. Opfallend is ek dat it gebrûk fan 'e útgong -n folslein ûnmotivearre liket. Sjoch (15).

(15) a ... hy gong nei de fytsmakker om
syn bân te plakken litten (f7a)
b Nynke joech har treinkaartsje
oan de kondukteur om it troch
him te knippe litten (f7b)
c Nynke joech har treinkaartsje
oan de kondukteur om it troch
him te kontrolearen litte (f7b)
d Nynke joech har treinkaartsje
oan de kondukteur om it troch
him te knippen litten
(ferbettere ta *te litte knippe*)
(f7b)

De fjouwer respondinten dy't dy konstruksje brûke, dogge dat net konsistint. Se brûke dêrneist ek of de Hollânske, of de GF konstruksje. Der moat opmurken wurde dat dit type konstruksje yn in oantal Fryske dialekten ek by âldere sprekkers wol foarkomt.[30]

Opfallend is dat net ien fan 'e respondinten de -n fuortliet yn in GF konstruksje mei *te*, wylst der yn 'e Hollânske konstruksje en 'e konstruksjes yn (15) gjin konsistinsje tusken de ferskillende respondinten liket te wêzen. De sinnen yn (16) komme fan ien respondint.[31]

(16) a Nynke joech har treinkaartsje
oan de kondukteur om it troch
him te knippe litten (f7b)
b ... hy gong nei de fytsmakker om
syn fyts meitsje te litten (f7a)

Dizze respondint karde boppedat de sinnen yn (17) ek allegear goed.

(17) a Us heit gong nei de garaazje om
syn auto meitsje te litten (bf5)
b Us mem gong nei de fytsmakker om
har fyts te litte meitsje (bf7)
c Us pake gong nei de garaazje om
syn auto te litten meitsje
(bf12)

---

[30] Jarich Hoekstra, persoanlike kommunikaasje.

[31] Respondintnû. 2810.

Alhoewol't 40% fan 'e respondinten de konstruksjes as yn (17c) goedkarde, brûkt nimmen se yn dizze toets ek. Dat is wol opmerklik.

3.9 De rolle fan taalferwervingsflaters

Yn sF'90 waard in tal fan 'e hjir besprutsen konstruksjes al merkbiten. De respondinten dêrby wienen Frysktalige skoallebern út groep 8. By dy jonge groep is it net ûnmooglik dat (in diel fan) 'e brûkte konstruksjes gewoane taalferwervingsflaters binne, mooglik spesifyk foar twatalige bern. sF'94 en mF'94 litte dêrfoaroer sjen dat it meastepart fan de bern ek fjouwer jier letter noch foar in grut part deselde YF konstruksjes brûke. In ferliking tusken sF'90 en sF'94 toant dat dúdlik oan. Sjoch (18).

(18)

Persintaazje net-unvertearre folchoarders by sF[32]

type	1990	1994	
tw1	75	70	Pas op! Do moast dy faas net falle litte
tw2	60	55	Do soest ... op myn feestje komme kinne
tw3	50	65	Ik wol M. ... yn it echt sjongen hearre
tw4	65	80	Dat boek kin dêr wol lizzen bliuwe
tw5	55	65	Klaas hie syn lytse suske helpe moatten
tw6	65	70	Dêr hie ik myn bril hast falle litten
tw7	60	80	Ik ha juf yn de stêd rinnen sjoen
tw8	55	50	Jan is te lang op bêd lizzen bleaun

Foarútgongsyndeksen[33]

tw1	93
tw2	92
tw3	130
tw4	123
tw5	118
tw6	108
tw7	133
tw8	91

[32] It is hjir allinnich om de folchoarder te rêden, net om de foarm fan de wurden. It giet hjir sawol yn 1990 as yn 1994 om de 20 selektearre respondinten.

[33] (sF'94 / sF'90) x 100

(19)

Persintaazje GF wurdsoarten[34]

type	1990	1994	
tw5	55	70	Klaas hie syn lytse suske helpe moatten
tw6	75	70	Dêr hie ik myn bril hast falle litten
tw7	85	90	Ik ha juf yn de stêd rinnen sjoen
tw8	65	75	Jan is te lang op bêd lizzen bleaun

Foarútgongsyndeksen[35]

tw5	127
tw6	93
tw7	106
tw8	115

(20)

Persintaazje GF foarmen by sF[36]

type	1990	1994	
tw1	65	65	Pas op! Do moast dy faas net falle litte
tw2	60	50	Do soest ek wol op myn feestje komme kinne
tw3	35	60	Ik wol M. ... yn it echt sjongen hearre
tw4	40	55	Dat boek kin dêr wol lizzen bliuwe
tw5	45	55	Klaas hie syn lytse suske helpe moatten
tw6	50	60	Dêr hie ik myn bril hast falle litten
tw7	55	80	Ik ha juf yn de stêd rinnen sjoen
tw8	50	50	Jan is te lang op bêd lizzen bleaun

[34] It giet hjir om it brûken fan de krekte wurdfoarm, dus IPP of mulwurd. It giet yn 1990, likegoed as yn 1994 om 'e 20 selektearre respondinten.

[35] (sF'94 / sF'90) x 100

[36] De folchoarder, sawol as de foarm, moat goed wêze. It giet hjir yn 1990 en yn 1994 om 'e 20 selektearre respondinten.

Foarútgongsyndeksen[37]

tw1	100
tw2	83
tw3	171
tw4	138
tw5	122
tw6	120
tw7	69
tw8	100

De persintaazjes jouwe it oantal GF folchoarders, wurdfoarmen en de kombinaasje dêrfan oan. At men sjocht nei de foarútgongsyndeksen fan dy faktoaren, dan docht bliken dat der net in dúdlike foar- of efterútgong is. Ytsma (1995) lit ek sjen dat der gjin signifikant ferskil is tusken de útkomsten fan 'e beide toetsen. De rolle fan taalferwervingsflaters yn it YF, alteast neffens de folchoarder fan 'e tiidwurden, liket dus net botte grut te wêzen.

3.10 Taalferoaring

Mei't taalferwervingsflaters net tige wichtich lykje, leit it namste mear yn 'e reden en nim oan dat de net-GF foarmen it gefolch binne fan taalferoaring. Oars sein, YF is in folwoeksen fariant fan it Frysk, en gjin tuskenfaze yn 'e taalferwerving.

Dit byld wurdt noch dúdliker at we in ferliking meitsje tusken de útkomsten fan sF'90 en sF'92-ålden. Ytsma (1995) jout de feroaring oangeande it ferskynsel ynverzje. Dy gegevens steane yn (21).

[37] (sF'94 / sF'90) x 100

(21)

Persintaazje net-ynvertearre folchoarders by sF'90 en sF'92-ælden[38]

sin	sF'90	sF'92-ælden
tw1	70	
tw2	42	100
tw3	50	96
tw4	62	100
tw5	57	92
tw6	50	94
tw7	49	90
tw8	47	94

De ælden skoare op alle 8 fragen dúdlik heger as de bern út groep 8.[39] Op grûn fan in apparent-time-analyze fynt it idee fan in folslein YF-systeem, en dus fan taalferoaring yn it Frysk, dus stipe.

3.11 De útkomsten fan mN'94

Yn dizze paragraaf steane de útkomsten fan de beide dieltoetsen fan mN'94.

3.11.1 mN'94-o

(22) jout de útkomsten fan mN'94-o.

[38] It is hjir allinnich om de folchoarder te rêden, net om de foarm fan de wurden. By sF'90 giet it om alle 102 respondinten, by sF'90-ælden om alle 52 respondinten.

Yn jannewaris 1995 binne nochris 23 legere-skoallebern (groep 8) fan twa skoallen hifke mei sF. De persintaazjes leinen dêr noch leger. Der wie dêrby lykwols safolle ferskil tusken de útkomsten fan 'e twa skoallen, dat ik besletten ha om dy gegevens net yn 'e tabel mei te nimmen.

[39] Sjoch ek Ytsma (1995).

Skoares per type yn mN'94[40]

1 Nl: mulwurd mei temporeel helptiidwurd, ynverzje mooglik
Fr: dito, mar gjin ynverzje

1 = mulwurd + helptw.	**22**
2 = helptw. + mulwurd	**48**
0 = oars	**34**
a ... dan zou ze nu zestig jaar	
1 geweest zijn	20
2 zijn geweest	50
0	30
b ... zou ik nu van school af	
1 geweest zijn	15
2 zijn geweest	30
0	55
c ... zou ik nooit van die limonade	
1 gedronken hebben	21
2 hebben gedronken	63
0	16

2 Nl: IPP en ferplichte ynverzje
Fr: ynfinityf mei modaal helptiidwurd as mulwurd

1 = ynfinityf + mulwurd	-
2 = ynfinityf + ynfinityf, ynverzje	95
0 = oars	-
a Dan had je je huiswerk maar beter	
2 moeten leren	100
b Dat had zelfs de slimste jongen van de klas niet	
2 kunnen maken	95
0	5
c Eigenlijk had de clown altyijd liever een akrobaat	
2 willen zijn	90
0	10

[40] De persintaazjes binne berekkene oer it totaal oantal anderten op it oanbelangjende type. By elk type is 1 foarbyld jûn.

3ANl: Ynfinityf mei modsaal helptiidwurd as ynfinityf, ynverzje mooglik
Fr: Dito, mar gjin ynverzje

1 = 2 ynfinitiven, gjin ynverzje	3
2 = 2 ynfinitiven, mei ynverzje	90
3 = as by 2 (nei ferbetterjen)	3
0 = oars	5

a Ik zou dat puzzeltje best
2 willen doen 90

b ... volgens mij moet je er toch ook wel mee tegen een bal
1 schoppen kunnen 5
2 kunnen schoppen 90
3 schoppen kunnen -> kunnen schoppen 5

3BNl: Ynfinityf mei *laten* as ynfinityf, ynverzje ferplichte
Fr: Dito, mar gjin ynverzje

1 = ynfinityf + *laten*	-
2 = *laten* + ynfinityf	100

a Mijn oom zou zijn auto nooit door die monteur
2 laten maken 100

b ... ze zou het nooit door een van de kinderen
2 laten doen 100

7 Nl: ynfinityf as komplemint fan in *te*-ynfinityf, ynverzje ferplichte
Fr: dito, mar gjin ynverzje

1 = ynfinityf + *te* + *laten*	-
2 = *te* + *laten* + ynfinityf	98
3 = *te* + ynfinityf + *laten*	3

a ... ging hij naar fietsenmaker om bij band
2 te laten plakken 95
3 te plakken laten 5

b ... om het door hem
2 te laten knippen 100

8 Nl: IPP by persepsjetiidwurd as heechste tiidwurd
Fr: doelfoarm as komplemint fan persepsjetiidwurd as mulwurd

1 = ynfinityf + mulwurd	-
2 = 2 ynfinitiven, mei ynverzje	100
a Ik heb mijn oom nog nooit zonder bril een krant	
2 zien lezen	100
b ... ik heb haar nog nooit de kamer	
2 zien stofzuigen	100
c Die zanger heb ik dat liedje al eens eerder	
2 horen zingen	100
d Ik heb hem nog nooit bier	
2 zien drinken	100

9 Nl: ynfinityf as komplemint fan persepsjetiidwurd, ynverzje ferplichte
Fr: doelfoarm as komplemint fan persepsjetiidwurd, gjin ynverzje

1 = 2 ynfinitiven, gjin ynverzje	-
2 = 2 ynfinitiven, mei ynverzje	100
a Ik kon de buren heel duidelijk over politiek	
2 horen praten	100

Ut (22) docht bliken dat der yn mN'94-o suver gjin konstruksjes brûkt wurde dy't yn 'e Hollânske standerttaal net al foarkomme. Ek oerhearskje de dêr meast wenstige konstruksjes.[41] Dat binne meast dyjingen dy't yn it GF net foarkomme. Bygelyks yn n3a komt de ynvertearre folchoarder fierwei it meast foar (yn 90% fan 'e gefallen). Yn ien gefal waard in oarspronklik net-ynvertearre rige ferbettere ta in konstruksje mei ynverzje.

Opfallend is de foarkar by nl foar de folchoarder helptiidwurd - mulwurd. Yn it sprutsen Hollânsk is krekt de oare folchoarder it meast wenstich. Haeseryn (1990) jout wol oan dat der yn it Hollânsk wat dat oanbelanget in feroaring oan 'e gong is. De saneamde *reade folchoarder* helptiidwurd - mulwurd wint hieltiid mear oan.

De iennichste ôfwiking fan 'e Hollânske standertnoarm is de konstruksje *te repareren laten* by n7. De oanbelangjende respondint brûkte dy konstruksje inkeld yn mN'94-o, net yn mF'94-o. Ek karde hy de konstruksje ôf, yn mF'94-b, likegoed as yn mN'94-b.

---

[41] Sjoch û.o. Haeseryn (1990).

3.11.2 *mN'94-b*

Yn (23) steane de útkomsten fan de Nollânsktalige beoardielingstoets mN'94-b.

(23)

Persintaazje goedkarde sinnen yn mN'94-b[43]

4 Nl: gewoane ynfinityf as komplemint fan ynfinityf, ferplichte ynverzje
Fr: *te*-ynfinityf as komplemint fan ynfinityf, gjin ynverzje

Bg. **We kunnen wel even bij het meer**

1 te vissen gaan 45
3 gaan vissen 90
6 gaan te vissen 15
9 vissen gaan 10

5 Nl: ynfinityf as komplemint fan in *te*-ynfinityf (leren), ferplichte ynverzje
Fr: dito, gjin ynverzje

Bg. **Die cursus is er om kinderen een brief**

2 schrijven te leren -
7 te leren schrijven 90

6 Nl: *te*-ynfinityf as komplemint fan ynfinityf, gjin ynverzje
Fr: dito

Bg. **We kunnen die mensen wel**

8 te eten vragen 95

[43] Yn alle gefallen binne de persintaazjes berekkene oer alle 20 respondinten, útsein wannear't it oars oanjûn is.

7 Nl: ynfinityf as komplemint fan in te-ynfinityf (laten), ferplichte ynverzje
Fr: dito, gjin ynverzje

Bg. Jan ging naar de garage om zijn auto

4 maken te laten	-
5 te laten maken	90
10 te repareren laten	-

---

(23) lit sjen dat de Hollânske konstruksjes yn allé gefallen hiel dúdlik de pree hawwe. Inkeld by bn4 wurde in oantal foarmen goedkard, dy't ôfwike fan 'e Hollânske noarm. 45% fan 'e respondinten kart yn it Hollânsk de GF konstruksje *te vissen gaan* goed. Guons karre ek *gaan te vissen* en *vissen gaan* goed. De lêste konstruksje is wat marginaal yn it Hollânsk, mar net folslein ûngrammatikaal.[43]

Ek opfallend is dat der folle mear konsistinsje liket te wêzen tusken mN'94-o en mN'94-b as tusken mF'94-o en mF'94-b. Dat docht dúdlik bliken út (b)f7 en (b)n7. Yn 'e Hollânsktalige toetsen komme de útkomsten dêrfan suver oerien, wylst der yn 'e Frysktalige toetsen folle mear ferskil is. Ek binnen de toetsen jildt dat de foarkarren foar in beskate konstruksje yn it Hollânsk folle dúdliker binne as yn it Frysk.

3.12 Konklúzje

Yn it YF komme ferskate foarmen foar, dy't yn it GF net foarkomme. Guon lykje fuort út it Hollânsk oernaam te wêzen. In direkt oernimmen fan Hollânske konstruksjes kin lykwols it foarkommen fan 'e konstruksjes mulwurd + ynfinityf en *te* + ynfinityf + *litte(n)* net ferklearje. Yn dy gefallen waard net de hiele konstruksje út it Hollânsk ôflaat, mar inkeld ien beskaat syntaktysk ferskil. Ik gean derfan út dat de ferskynsels ynverzje, IPP en <ϕn> troch twatalige Fryske bern net tegearre oernaam hoege te wurden.

Der is blykber gjin praat fan gewoane taalferwervingsflaters, mei't de GF foarmen net dúdlik faker foarkomme at de bern âlder wurde. Per generaasje binne der lykwols al dúdlike ferskillen. Wy hawwe dus echt te krijen mei taalferoaring. Dochs wurdt troch bern dy't YF prate noch altyd yn mear as de helte fan 'e gefallen de GF foarm brûkt. It GF systeem wurdt net ferfongen troch it YF, mar útwreide mei in tal nije mooglikheden.

Der komme amper GF konstruksjes yn it Hollânsk fan 'e respondinten foar. Dêr't it de kombinaasje fan in mulwurd mei

---

[43] Alteast, neffens myn beoardieling.



Ynterpretaasje

Yn dit haadstik sil ik besykje om oan 'e hân fan it materiaal fan it fjildûndersyk, lykas beskreaun yn it foargeande haadstik, tá in útstel te kommen foar in ferklearring fan it úntstean fan it YF. Dêrby sil ik omtinken jaan oan it ferskynsel YF op himsels, likegoed as oan de krekte foarmen dy't deryn foarkomme.

4.1 It opkommen fan it Ynterferinsjefrysk

It hat, neffens my, eigenskip dat it úntstean fan it YF te krijen ha moat mei in kontaktsitewaasje tusken it Frysk en it Hollânsk. Yn alle oanhelle literatuer spilet it kontakt tusken beide talen in rolle. Hoe't dat kontakt der krekt hinne leit en op hokker wize oft it te krijen hat mei it úntstean fan it YF, sil ik yn it ferfolch fan dit haadstik besprekke.

4.1.1 It Ynterferinsjefrysk as nij ferskynsel

Feitsma (1971) behannelet in stikmannich (net-syntaktyske) ferskynsels dy't har oppenearje yn it YF fan 'e iere santiger jierren. In wichtich betingst yn har riddenearring is de persoanlike twataligens ûnder (hast) alle Friezen. Sy hâldt út dat der yn it Frysk in ynwindige ferskowing plakfynt nei foarmen dy't tichter by it Hollânsk lizze. Dit foarmet gjin probleem foar de fersteanberheid, mei't alle Fryskpraters ek in beskate behearsking fan it Hollânsk ha. Op dizze wize kin bygelyks de ferkringing fan it diminutyf-efterheaksel *-ke* troch it efterheaksel *-tsje* (dat liket op it Hollânske *-tje*) ferklearre wurde. Feitsma jout it efterheaksel *-pje* (dat net yn it Frysk foarkomt) dêrfoaroer in bytsje kâns om yn it Frysk brûkt te wurden. Yn har idee is der dus gjin regelútwreiding, mar in ynwindige ferskowing yn it gebrûk fan in beskate regel.

Feitsma seit ek dat twatalige sprekkers oerhingje nei it skeppen fan in 1-op-1-relaasje tusken morfemen yn 'e beide talen. Troch de relatyf grutte oerienkomsten tusken it Frysk en it Hollânsk is dit yn it measteparт fan 'e gefallen sûnder swierrichheden te realisearjen.

Sjölin (1976) set dy riddenearring troch. Ek by him is persoanlike twataligens in belangryke faktor. Hy seit dat de oerienkomsten tusken it Frysk en it Hollânsk sa grut binne dat

Frysktaligen gebrûk meitsje kinne fan "konverzjeregels". Neffens dy regels kinne Frysktaligen Hollânske morfemen ferfryskje en sa nije Fryske wurden foarmje, lykas oandacht, in streekrjochte ferfrysking fan it Hollânske aandacht. Sa'n strategy wurdt net allinne tapast wannear't der gjin Frysk wurd foarhannen is, mar ek wannear't it oanbelangjende Fryske wurd de markearring <literêr> of <puristysk> hat, of wannear't it te bot emosjoneel laden is. Sok soarte fan strategyen komme ek by oare twataligen wol gauris foar.[44] In wichtige opmerking fan Sjölin yn dit ramt is de neikommende:

> [...] een volledige competence in het Fries wordt [...] normaliter verkregen via het Nederlands.

Sjölin seit hjir dus einliks dat it Frysk mei foarme wurdt op basis fan Hollânske ynfier. Men soe jin sels foarstelle kinne dat it bestean fan konverzjeregels derta liedt dat bern sjogge nei it Hollânsk by it foarmjen fan in Frysk grammatikaal systeem.

Dat idee komt ek nei foaren yn in fuotnoat by De Haan (1992b). Hy giet dêr, en ek al yn De Haan (1990), lykwols út fan in oar senario by syn beskriuwing fan ynverzje yn it YF. Neffens him is der hielendal gjin sprake fan ferhollânskjen fan it Frysk. By him is de persoanlike twataligens de haadfaktor. Mei't de net-ynvertearre (Fryske) folchoarder komputasjoneel komplekser wêze soe as de Hollânske[45], soe it twatalige bern oerskeakelje nei de Hollânske grammatika by it konstruearjen fan Fryske tiidwurdkloften.

Dat senario liket my net botte oertsjûgjend, al is it net hielendal út te slúten. It rekkenet net mei bygelyks de morfologyske ferskillen tusken it Fryske en it Hollânske ôfslutend mulwurd, dy't har hiel oars hâlde en drage (sjoch fierderop yn dit haadstik) en net samar ynpast wurde kinne yn in oar syntaktysk systeem. Ek jout dat senario gjin ferklearring foar foarmen dy't net yn it Hollânsk, en ek net yn it GF foarkomme, lykas *te knippe litte of sjoen rinnen*.

It idee dat twatalige bern har yn de taalferwervingsfaze mei basearje op data út de oare taal fertsjinnet neffens my wat mear omtinken. Op grûn fan wat Feitsma (1971) en Sjölin (1976) sizze oer it stribjen nei in 1-op-1-relaasje, is it net ûnmooglik dat de twa talen yn it spraakgebrûk sa ticht byinoar kaam binne te lizzen dat it bern der nei ferhâlding lang oer docht om de twa taalsystemen te skieden. It is net ûnmooglik dat it bern him dan foar de grammatika fan 'e iene taal basearret op ynfier út 'e oare taal. Soks slút ek oan by it algemiener jildend taalferoaringssenario dêr't taalferoaring begjint mei taal-ynwindige ferskowings en sa hieltiid mear begjint te lykjen op in oare taal. Dat wurdt û.o. beskreaun

---

[44] Sjoch û.o. Grosjean (1982).

[45] Sjoch Reuland (1990).

troch Aitchinson (1991), dy't seit:

> [...] borrowing does not suddenly disrupt the basic structure of a language. Foreign elements make use of existing tendencies, and commonly accelerate changes which are already under way.[46]

Boelens en Ytsma (1989) sitearje Hoppenbrouwers yn dat ferbân:

> Foar safier oant no ta neigien wurde kin, begjint it dialektferlies as in dialektyntern proses.

Ek yn bygelyks Appel & Muysken (1987) komt oan 'e oarder dat syntaktyske ûntliening trochstrings ynwindich motivearre is.

De fraach bliuwt dan fansels noch wol hokker regels oft no krekt út de oare taal wei oernaam wurde.

4.1.2 Regelútwreiding of regelferoaring?

Breuker (1984) stelt eksplisyt dat der yn it YF gjin praat is fan in ynwindich-Fryske ûntjouwing. Hy hâldt út dat der wat de tiidwurdfolchoarder oanbelanget wier wol in regelferoaring syn beslach krigen hat. Neffens him wurdt de ynvertearre folchoarder troch guons systematysk realisearre. Hy stelt:

> Yn har harsens sit net (of net mear) de Fryske mar Hollânske regel.[47]

Soks wurdt tsjinsprutsen troch de útkomsten fan dit ûndersyk. Ut (4) yn haadstik 3 docht bliken dat yn mF'94-o de GF konstruksje altyd de meast brûkte fariant is en sels by hast alle items yn mear as 50% fan 'e gefallen brûkt wurdt. It mei wier wêze dat de GF konstruksje stadichoan minder brûkt wurdt, hy makket perfoarst noch diel út fan 'e ynwindige grammatika fan (suver) alle respondinten.

4.2 De status fan it Ynterferinsjefrysk: taal of taalferwervingsfaze

Hoekstra (1987) oppenearet de mooglikheid dat bern dy't net-standertfolchoarders yn 'e tiidwurdlike einrige brûke, noch yn in learproses sitte. Dat soe net ûnmooglik wêze. De útkomsten fan dit ûndersyk jouwe lykwols oanlieding om oan te nimmen dat dat net it gefal is. Dat docht bliken út de ferskate ferlikings dy't makke wurde yn paragraaf 3.9.

Mei't it bliken docht dat it YF gjin faze yn 'e taalferwerving is, nim ik oan dat it in folwoeksen fariant fan it Frysk is.

---

[46] Aitchinson (1994), s. 117.

[47] Breuker (1984), s. 225.

Dat betsjut neffens my dat wy derfan útgean meie dat sprekkers fan it YF ta op in hichte in besef ha sille fan grammatikaliteitsnoasjes. Dat makket it mooglik om in syntaktyske analyze te jaan fan úterings yn it YF.

4.3 It senario fan "mingde ynfier"

Yn dizze paragraaf sil ik wat neier yngean op it senario fan "mingde ynfier", dêr't Hollânske en Fryske data yn 'e iere taalferwerving net yn útinoar holden wurde kinne.

Lykas sein yn paragraaf 4.1.2 is it in frij gebrûklik senario fan taalferoaring dat yn it earstoan inkeld taal-ynwindige prosessen har beslach krije foar't nije regels opnaam wurde. Dat senario soe yn dit gefal ferantwurde wurde kinne troch it stribjen nei in 1-op-1-relaasje tusken morfemen, sa as Feitsma útstelt. Uteinlik soe de oerienkomst tusken de morfemen fan it Frysk en it Hollânsk sa grut wêze kinne dat it taalferwervend bern dy oerienkomst as in systematysk ferskynsel opnimt yn syn ynwindige grammatika. Dat resultearret yn de konverzjeregels dy't Sjölin (1976) útstelt. Uteinlik sil it bern ynfier yn 'e iene taal brûke by de foarming fan beide grammatika's.[48]

In earste betingst by dit senario is fansels dat it Frysk en it Hollânsk hieltiid neier byinoar kaam binne. De Haan (1992) seit dat it Fryske spreksinjaal hieltiid tichter by it Hollânske kaam is te lizzen. De minderheidsposysje fan it Frysk en it foarkommen fan in grutte ientalich-Hollânske mienskip hat der wierskynlik ta laat dat it measte omtinken jûn is oan de feroarings yn it Frysk. Fansels binne dat stjoerende faktoaren dy't "ferfryskjen" fan it Hollânsk tsjingean. Oarsom is dy stjoering der net. Der wurdt dus fral troch it "ferhollânskjen" fan it Frysk oan it neamde betingst foldien.

In twadde betingst is it foarkommen fan in suffisjente ynfier fan beide talen yn 'e taalferwervingsfaze. De taalsitewaasje nei de twadde wrâldoarloch is soks dat Fryske bern mei it Frysk, sawol as mei it Hollânsk yntinsyf konfrontearre wurde.

At wy oannimme dat it bern yn 'e taalferwervingsperioade de twa talen net útinoar hâlde kin, dan leit it yn 'e reden en nim oan dat it Hollânsk likegoed mei op basis fan Fryske data foarme wurdt as oarsom. De Hollânske toets soe dêr in oanwizing foar jaan kinne.

Yn paragraaf 3.11 docht lykwols bliken dat der yn it Hollânsk fan de respondinten amper frisismen foarkomme. Dat is opfallend en liket it idee fan "mingde ynfier" tsjin te sprekken.

---

[48] Fansels foar safier't de grammatika fan 'e oare taal dat tastiet. Dy beheining wurdt yn 'e neikommende paragrafen behannele.

Lykwols, der komme wol in pear net-standertkonstruksjes foar. Ik wol yn gearhing dêrmei twa opmerkings út it foarige haadstik werhelje.

Yn it foarste plak is it opfallend dat ien fan 'e respondinten himsels ferbettere doe't er by n3a yn mN'94-o de oanfolling *schoppen kunnen* joech, alhoewol't dy konstruksje yn it Hollânsk grammatikaal is. Ferbetterjen wie dus net nedich. Blykber naam dy respondint de ynvertearre rige kunnen schoppen foar kar.

Yn it twadde plak komme de ynvertearre rigen by Frysktalige bern folle faker foar as by net-Frysktaligen.

It liket my net ûnmooglik dat Frysktaligen by it sprekken fan Hollânsk in soarte fan "hyperkorreksje" tapasse op 'e tiidwurdlike einrige. Konstruksjes dy't ek yn it Frysk foarkomme, wurde dêrby fermijd, om't dy faaks oanfield wurde as "Ynterferinsjehollânsk". De relative status dy't it Hollânsk hat, foar it Frysk oer, spilet dêr wierskynlik in rolle by. Dat soe derta liede kinne dat Frysktalige bern net-standertkonstruksjes yn it Hollânsk, ek al meitsje dy wol diel út fan harren *competence*, nea brûke sille.[49]

In oanwizing foar dat idee kin ek fûn wurde by f7 yn mN'94. Yn 'e oanfollingstoets mN'94-o wurdt de net-standertkonstruksje *te plakken laten* brûkt. Yn 'e beoardielingstoets karre lykwols alle respondinten de soartgelikense konstruksje *te repareren laten* ôf. By ridlik spontaan taalgebrûk is it net útsletten dat út en troch in net-standertkonstruksje realisearre wurdt, al wurdt dy by in beoardieling systematysk ôfkard. Lykwols, dat is in stipulaasje.

It is ek sa dat by guon typen yn 'e beoardielingstoets mN'94-b net-standertkonstruksjes akseptearre waarden. Ik ha gjin gegevens oer de akseptaasje dêrfan by net-Frysktaligen, mar faaks is soks dochs in oanwizing foar it hjirboppe steande idee.[50]

Ytsma (1995) neamt in mooglik foarbyld fan Fryske ynfloed yn it Hollânsk fan 'e ûndersochte bern út 1990 by de sinnen twl en tw2 út syn skriftlike toets. Frysktaligen lykje de sin *Jij moet die vaas niet vallen laten* earder te akseptearjen as de sin *Jij zou ook wel op mijn feestje komen kunnen*. By

---

[49] In sprekkende yllustraasje fan it opkommen fan 'e ynvertearre konstruksje waard jûn troch in Frysktalige studint dy't net-ynvertearre konstruksjes (yn it Frysk) as ouderwets oantsjutte. Fansels is ek it aspekt dat de GF konstruksje troch guons as ålderwetsk oanfield wurdt in reden foar it fermijen fan net-ynvertearre tiidwurdrigen.

[50] Ferskate folwoeksen Frysktaligen hawwe yn de rin fan dit ûndersyk oanjûn dat sy har der bewust fan wienen sa'n soarte fan hyperkorreksje ta te passen.

Hollânsktaligen liket dat krekt oarsom te wêzen.

Neffens my moat de konklúzje wêze dat it senario fan "mingde ynfier" net sa ûnwierskynlik is, en grif better by steat is om it bestean fan it YF te ferklearjen as de oare útstelde senario's.[51]

Lit ús no ris sjen nei hokker regels oft no krekt út it Hollânsk wei yn it Frysk oernaam wurde, dêr't it de fjouwer syntaktyske oandachtspunten oanbelanget.

4.4 Ynverzje

Yn it foarige haadstik haw ik al opmurken dat ynverzje somtiids los fan IPP en <øn> yn it YF brûkt wurdt. Dat wiist derop dat de trije syntaktyske ferskynsels net perfoarst keppele hoege te wêzen. As yllustraasje noch in pear foarbylden dêr't inkeld de ynverzjeregel út it Hollânsk oernaam is en net de oare ferskynsels. Sjoch (1).

(1) a Ik ha juf yn de stêd sjoen rinnen
b Jan is te lang op bêd bleaun lizzen

Yn (1) is wol de ynverzjeregel, mar net it IPP-effekt oernaam. At wy it Standertfrysk, Hollânsk en Heechdútsk neistinoar sette, docht ek dúdlik bliken dat der gjin 1-op-1-relaasje is tusken it IPP-effekt en ynverzje. Soks wurdt yllustrearre yn (2-4).

(2) a Ik ha har yn de stêd rinnen sjoen
b * Ik ha har yn de stêd sjoen rinnen
c * Ik ha har yn de stêd rinnen sjen
d * Ik ha har yn de stêd sjen rinnen

(3) a * Ik heb haar in de stad lopen gezien
b * Ik heb haar in de stad gezien lopen
c * Ik heb haar in de stad lopen zien
d Ik heb haar in de stad zien lopen

(4) a * Ich habe sie in der Stadt laufen gesehen
b * Ich habe sie in der Stadt gesehen laufen
c Ich habe sie in der Stadt laufen sehen

---

[51] It yn it earstoan net skiede kinnen fan 'e twa talen by twataligen is in bekend senario yn 'e stúdzje fan bernetaalûntwikkeling. Sjoch Parodi (1990) foar in foarbyld fan in Dútsk-Frânsk twatalich bern. Arnberg & Arnberg (1992) keppelje it stuit fan 'e taalskieding oan 'e mjitte fan bewustwêzen fan it bestean fan twa ûnôfhinklike taalsystemen.

d * Ich habe sie in der Stadt sehen laufen

It Standertfrysk hat gjin ynverzje en ek gjin IPP. It Hollânsk hat beide en it Dútsk hat wol IPP, mar gjin ynverzje.

It docht út (7) yn paragraaf 3.4 dúdlik bliken dat de respondinten by alle sinstypen yn mF'94-o de ynvertearre, sawol as de net-ynvertearre kloften behearskje. Dat jout oan dat de Hollânske ynverzjeregel as in opsjonele regel út it Hollânsk oernaam wurden is. Dy ûnôfhinklikheid fan 'e ynverzjeregel en it feit dat er as opsje en net as ferplichting oernaam wurdt, ferklearje it probleem dat De Haan (1990) merkbyt, oangeande it ferskil tusken tiidwurdrigen yn it Hollânsk en it YF. Lit my dat taljochtsje.

De Haan jout trije regels foar ynverzje yn it Hollânsk, lykas formulearre yn (5).

(5) **Ynverzje yn it Hollânsk** (ynformeel)



a opsjoneel, as V_0 in bûgd modaal tiidwurd is, en V_1 en V_0 net útspranteljend binne;
b opsjoneel, as V_1 in ôfslutend mulwurd is;
c oars ferplichte.

Mei (5a-c) ferklearret er sinnen lykas, yn folchoarder, yn (6a-c).

(6) a dat hij het kan doen / doen kan
b dat hij het gedaan heeft / heeft gedaan
c Hij heeft haar zien lopen / *lopen zien / *lopen gezien

Dy regels binne net by steat en ferklearje YF sinnen, lykas yn (7).

(7) a Hij hat him sjen wold / wolle sjen
b om in doelpunt meitsje te kinnen / te kinne meitsje

Dy sinnen kinne neffens De Haan net ôflaat wurde, om't der noch in bûgd modaal tiidwurd (5a), noch in mulwurd (5b) yn foarkomt. Dêrom konkludearret De Haan dat der gjin sprake wêze kin fan syntaktyske úntliening.

At wy lykwols oannimme dat de ynverzjeregel net bûn is oan de foarm fan de tiidwurden, dan is dat net langer in probleem. Ik stel dêrom (8) út as ferfanging fan (5).

(8) **Ynverzje yn it Hollânsk:**

a Foar alle tiidwurdkloften yn it Hollânsk jildt de opsjonele regel: ynvertearje de folchoarder yn 'e tiidwurdkloft;
b Yn guon gefallen jout it spesifike karakter fan it Hollânsk oanlieding om dy regel ferplichte ta te passen.

(8a) kin maklik oernaam wurde yn it YF. Op dy wize kin ek it foarkommen fan de sinnen yn (7) ferklearre wurde.[52]

4.5 Ynverzje mei in *te*-ynfinityf

Der komme yn it YF in tal ferskillende konstruksjes foar mei in *te*-ynfinityf. Ik sil alderearst dy kloften besprekke dêr't de *te*-ynfinityf (*litte*) as heechste tiidwurd foarkomt.

Fan dit type konstruksje komme by f7 yn mF'94-o trije ferskillende farianten foar, nammentlik: ynfinityf + *te* + *litten*, *te* + *litte* + ynfinityf en *te* + ynfinityf + *litte(n)*. De earste konstruksje is de GF konstruksje, de twadde de Hollânske en de tredde komt yn gjin fan beiden foar. (9) jout in pear foarbylden út de toets.

(9) a om it troch him knippe te litten
b om it troch him te litte knippe
c om it troch him te litte knippen
d om it troch him te knippe(n) litte(n)

De Haan (1994) konstatearret it foarkommen fan 'e earste twa konstruksjes binnen ien grammatikaal systeem. Hy besiket soks te ferklearjen as yn (10).[53]

---

[52] Dy fisy op ynverzje liket op J. Hoekstra (1990) sines by syn besprek fan trijetiidwurdkonstruksjes yn it GF.

[53] De struktuer is in bytsje oanpast. De Haan (1994) tsjut it skaaimerk fan 'e nammefoarm oan as <+@>. Ik nim dit oer as <-n>.

(10) a



b



De Haan syn idee is dat (10a-b) de PF-struktuer fan, yn folchoarder, (9a-b). Syn riddenearring is de neikommende.

Tiidwurdrigen wurde analysearre as in V-kloft. Dat idee giet werom op Evers (1975). De morfology fan de tiidwurden dêryn wurdt takend op PF, fia takenning fan morfologyske skaaimerken. Dat idee giet werom op Den Dikken (1989). Syn idee is dat der yn it Hollânsk al, en yn it GF net, kloftfoarming plakfynt. Lykwols, neffens my is it ek mooglik en lied de struktuer yn (10b) ôf troch ferpleatsing yn 'e kloft.

De Haan syn idee is no dat it tiidwurd *litten* yn (10a) syn doelfoarmsmorfology krijt fan *te*. It tiidwurd *knippe* krijt syn nammefoarmsmorfology fan it regearjende tiidwurd *litte*.

Yn (10b) selektearret *te* in doelfoarm. It skaaimerk <+n> fan de doelfoarm wurdt takend oan de komplekse susterknoop. It skaaimerk giet dan "op 'e siik" nei in gaadlik lâningsplak. Neffens William's Right Hand Head Rule (tenei *RHHR*) kin it dêr mar inkeld rjochts yn 'e struktuer delgean. Lykwols, *knippe* hat al it skaaimerk <-n> fan 'e nammefoarm fan *litte* krigen en kin dus langer net as lâningsplak foar it <+n>-skaaimerk tsjinje. Uteinlik wurdt dat skaaimerk dus net útstavere.

Soks strykt lykwols min mei it geregeld foarkommen fan

tiidwurdrigen as yn (9c)[54], dêr't ynverzje tegearre foarkomt mei in doelfoarm. It liket derop dat de RHHR altemets presedearret boppe de skaaimerktakenning troch *litte*. Soks liket my earder stipe foar De Haan syn idee ta as in probleem, om't (9c) oantoant dat de RHHR net sa mar in stipulaasje is.[55]

Skynber in beswier foar De Haan syn teory binne sinnen lykas (9d). Dy komme net faak foar, mar dochs net faak genôch en rekkenje der net mei. In opfallend ferskil mei (9b-c) is dat by (9d) alle twa tiidwurden as doelfoarm realisearre wurde kinne. By (9c) komt inkeld it rjochter tiidwurd as doelfoarm foar.

Ik gean op basis fan it toetsmateriaal út fan 'e generalisaasje dat in doelfoarm net ta stân kaam wêze kin troch it fuortfallen fan it ûnderskied tusken de twa ynfinitiven yn it Frysk. Ik sil dat neier taljochtsje yn paragraaf 7 fan dit haadstik.

Dat betsjut dat it foarkommen fan twa doelfoarmen yn (9d) ferantwurde wurde moat. Ik gean dêrby út fan in omskriuwing fan 'e eigenskippen fan it tiidwurd *litte* yn De Haan (1992a). Dat tiidwurd hat neffens De Haan eigenskippen fan in "morfo-syntaktysk bûn morfeem". Myn útstel is no dat, at yn in rige as *knippe(n) litte(n)* de ûnderlizzende konstituentfolchoarder bewarre bliuwt, it tiidwurd *litte(n)* him op morfologysk nivo mei syn komplemint ferbine kin. Mei't dy bân foarme wurdt ûnder wurdnivo, spilet de RHHR gjin rolle mear foar de morfology fan *knippe(n)*. Takenning fan in doelfoarm oan it lofter tiidwurd is yn dat gefal in morfologysk proses.[56]

Dy analyze kin ek ferklearje wêrom't de rige *knippe(n) litte(n)* rjochts fan *te* komt te stean. Op wurdnivo is der no ommers langer gjin kompleks tiidwurd. Yn dat gefal giet it tiidwurd altyd streekrjocht nei de I-posysje. (9d) wurdt dan te ferlykjen mei in sin as (11).

(11) om dat te dwaan

Lit ús, in bytsje oars as De Haan, oannimme dat *knippe litte* yn (9a) in komplekse V foarmet mei de mooglikheid fan

---

[54] De konstruksje mei ynverzje en in doelfoarm, lykas yn (9c), foarmet 35% fan alle anderten dy't by f7 jûn binne. Foar de konstruksje mei ynverzje en in nammefoarm, lykas yn (9b) is dat 25%.

[55] Ek yn it GF komt it wol foar dat in doelfoarm, sawol as in nammefoarm selektearre wurde kin, lykas yn de sin *Mei smoke(n) falst wol op* (oernaam út Hoekstra (1994a)).

[56] It is fansels wichtich en rekkenje mei de mooglikheid dat net elkenien dat proses tapasse kin.

ynverzje, soks op grûn fan it oernimmen fan (8a) yn it YF."
Men soe jin dan foarstelle kinne dat der dan in soarte fan
meganisme yn it wurk komt dat by in net-ynvertearre V-kompleks
de rjochterdochtar fan V-nei-I ferheft, en by in al
ynvertearre V, it V-kompleks yn syn hiele hear en fear. Dêr
binne (9a-d) mei ferantwurde binnen de teory dat ynverzje in
ûnôfhinklik ferskynsel is.

In oar opmerklik ferskynsel dat út mF'94-b blikan die, is de
oergeneralisaasje fan ekstraposysje fan ynbêde te-ynfinitiven,
lykas by bf4. Mei't ik dy konstruksje net yn it spontaner
taalgebrûk fan mF'94-o hifkje kind ha, sil ik hoeden wêze
dêr't it in ferklearring fan dat ferskynsel oanbelanget. Faaks
wurdt te yn dy gefallen net langer as in ferhâldingswurd
analysearre.[56] Dat bliuwt lykwols in spekulaasje. Foarearst
folstean ik mei de konstatearring dat oergeneralisaasje likst
foar te kommen.

4.6 It IPP-effekt

Ut (4) yn it foarige haadstik docht bliken dat by f8 yn mF'94
trije typen einrigen realisearre wurde. (12) jout fan elk type
in foarbyld.

(12) a ik haw him noch noait in sigaar
roken sjoen
b ik haw him noch noait in sigaar
sjen roken
c ik haw him noch noait in sigaar sjoen roken

(12a) jout de GF konstruksje, sûnder ynverzje en IPP. Yn (12b)
is der IPP, sawol as ynverzje, en yn (12c) is der wol
ynverzje, mar gjin IPP.

De Haan (1994) merkbyt de konstruksjes yn (12a) en (12b). Hy
besiket om se te ferklearjen binnen ien grammatikaal systeem.
Syn argumentaasje makket op 'e nij gebrûk fan 'e RHHR. Hy jout
de neikommende PF-struktueren foar (it relevante diel fan)
(12a-b).

---

[57] In soargelikense ferklearring fan ynverzje wurdt oannaam yn (J. Hoekstra (1990)).

[58] Sjoch J. Hoekstra (1989) foar in besprek fan te-ynfinitiven yn it Frysk. Sjoch ek J. Hoekstra (1992).

(13) a



b



Yn it gefal fan (13a) krijt it tiidwurd *rinnen* syn doelfoarmsmorfology fan *sjoen*. Fierders kin it mulwurdsskaaimerk <+pp>, dat troch it helptiidwurd *hawwe* oan de komplekse V takend wurdt, perkolearje nei *sjoen*.

Yn (13b) krijt *rinnen* syn doelfoarmsmorfology fan *sjen*. Dêrtroch is *rinnen* langer net gaadlik as lâningsplak foar it <+pp>-skaaimerk. Oan *sjen* wurdt net in morfologysk skaaimerk takend. De Haan nimt no oan dat oan in tiidwurd dat net in morfologysk skaaimerk hat, in standert-morfologysk skaaimerk takend krijt. Neffens De Haan is dat it skaaimerk fan 'e nammefoarm. Formeel soe dat der út sjen kinne as yn (14)

(14) a **Standert-morfologyske regel:** oan in tiidwurd dat gjin morfologysk skaaimerk krijt, wurdt it standert-skaaimerk σ takend

b **σ-foarm:** it skaaimerk σ wurdt útstavere as in nammefoarm <-n>

Mei (13) en (14) kinne wy (12a) en (12b) wol ferklearje, mar (12c) net. Hjirûnder sil ik in útstel dwaan om ek (12c) binnen De Haan syn teory te ferklearjen. Mar earst wol ik wize op in nijsgjirrich feit yn (15).

(15) a * Dy sangeres haw ik dat ferske al faker **heard sjongen**

b * Ik ha Lee Towers noch noait **heard sjongen**

(15a) kaam yn de toets net foar, wylst de ynvertearre rige sûnder IPP, yn mF'94, sawol as yn sF'94, wol foarkaam by alle sinstypen mei *sjoen* en *bleaun* as heechste tiidwurd. Dat ferskil tusken *heard* oan 'e iene kant, en *sjoen* en *bleaun* oan 'e oare kant wie sa opfallend dat ik in toets by in tal legere-skoallebern ôfnaam ha. Sy karden (hast) allegear (15b) ôf, wylst de wjergaders mei *sjoen* en *bleaun* wol faak goedkard waarden.

Dat ferskil liket my essinsjeel foar in ferklearring fan (12c). Myn ferklearring is foar in part basearre op E. Hoekstra (1994). Hy folget Van den Wyngaerd (1994) dy't it IPP-effekt yn it Hollânsk en Dútsk keppelet oan it foarkommen fan in foarheaksel *ge-* op it mulwurd. Ik fetsje dat gear as yn (16).

(16) Morfologyske eask: in foarheaksel mei yn in tiidwurdkloft net realisearre wurde by in tiidwurd dat in oar tiidwurd yn syn komplemint hat

Hoekstra ferklearret it foarkommen fan it IPP-effekt yn it hjoeddeiske Westfrysk troch it postulearjen fan in non-overt foarheaksel op it (oars foarheakselleaze) mulwurd. Twatalige bern soenen soks dwaan op grûn fan harren kennis fan it Hollânsk. Dat senario liket botte op wat ik hjirfoar útsteld ha foar it Frysk. De fraach is of dy teory ek foar it YF op gean kinne soe.

At wy oannimme dat de morfologyske eask yn (16) universeel is, dan betsjut dat dat bern dy't de GF konstruksje yn (12a) brûke gjin foarheaksel op it mulwurd postulearre kind ha. Mei't wy ta de konklúzje kaam binne dat de GF konstruksje diel útmakket fan it YF, wurket Hoekstra syn idee dus net foar it Hollânsk.

It meast gebrûklike, en ek it iennichste noch produktive efterheaksel yn it Hollânsk is *-t/-d*. My tinkt dat it goed mooglik is dat it twatalige Frysk-Hollânske bern op grûn fan syn kennis fan it Hollânsk, mulwurden yn it YF foarsjocht fan in morfologyske markearring (<+m>). It efterheaksel *-d* yn *heard* soe yn ferbân brocht wurde kinne mei it Hollânske mulwurd. Dat soe dy takenning dan *triggerje* kinne. Sjoen, dat dat efterheaksel net hat, krijt dy morfologyske markearring net.

Ik stel no it út (14b) te werformulearjen ta (17).

(17) **σ-foarm**: it skaaimerk σ wurdt útstavere as in net morfologysk markearre tiidwurdsfoarm

Oan de σ-foarm foldogge net inkeld nammefoarmen, mar ek foarmen lykas *sjoen* en *bleaun*, dy't ek net morfologysk markearre binne.

It leit yn 'e reden dat it IPP-effekt op grûn fan Hollânske en Dútske data altyd as ferfanging fan in mulwurd troch in ynfinityf beskôge is, om't dy talen gjin oare ûnmarkearre tiidwurdsfoarmen hawwe as inkeld ynfinitiven. De hjir presintearre data út YF toane lykwols oan dat wy hjir net sa bot te krijen ha mei in *Infinitivus-pro-Participio-* as wol mei in *Standertfoarm-foar-mulwurd-* of σPP-effekt.

Dat idee wurdt stipe troch de neikommende konstruksje út it

Flaamsk (oernaam üt Vanden Wyngaard (1994)).

(18) Jan is weest voetballen

Der is yn it oanbelangjende Flaamske dialekt net in ynfinityf foarhannen by it mulwurd geweest. Mulwurden wurde yn dat dialekt altyd markearre mei in foarheaksel ge- en in efterheaksel -t/-d. Ynversje is ferplichte. It morfologysk markearre mulwurd foldocht net oan 'e σ-foarm en kin dus net ynsertearre wurde yn 'e lofter posysje yn 'e kloft. De foarm weest is lykwols net morfologysk markearre, as't de opsje yn (18) iepen bliuwt.

It foarkommen fan it ynversje, aswol as it σPP-ferskynsel yn it YF kin dus ferklearre wurde as gefolch fan mingde taalynfier by twetalige bern. Dat hat twa effekten. Yn it foarste plak wurdt it ferskynsel ynversje yn it YF oernaam. Twaddens wurde mulwurden dy't regelsjittich foarme binne, lykas heard foarsjoen fan in morfologyske markearring. Soks liedt ta it foarkommen fan in σPP-effekt troch de wei fan twa universele prinsipes, hjir werhalle yn (19).

(19) a **Standart-morfologyske regel:** oan in tiidwurd dat gjin morfologysk sksaimerk krijt, wurdt it standart-sksaimerk σ takend

b **σ-foarm:** it sksaimerk σ wurdt ütstevere as in net morfologysk markearre tiidwurdsfoarm.

4.7 Onderskied tusken doelfoarm en nammefoarm

At wy (4) yn it foarige haadstik nochris besjogge, dan sjogge wy dat der by f1, f2, f3a en f3b, op ien ütsöndering by f3b nei, gjin doelfoarmen foarkomme yn mF'94-n. Dat strykt mei de mitewaasje yn it GF. Lykwols, by f8 en f9 komme wol regelsjittich nammefoarmen foar, wêr't men in doelfoarm ferwachtsje soe.

Op grün fan dy observaasje bin ik ta de neikommende generalisaasje kaam.

(20) **Ynfinityfgeneralisaasje:**

a in doelfoarm kin ek realisearre wurde as in nammefoarm

b in nammefoarm kin net realisearre wurde as in doelfoarm

Fan dy generalisaasje bin ik ütgongen by de ferklearring fan de lestiger konstruksjes yn f7 en f8. Oars sein: it foarkommen fan in nammefoarm op in plak dêr't je op grün fan it YF in doelfoarm ferwachtsje soenen, hoecht net fierder ferklearre te wurden. Mar it foarkommen fan in doelfoarm moet wol hieltiid

ferantwurde wurde. Dat wâard al oanhelle yn parsgraaf 5 fan dit haadstik. Dêr bin ik derfan útgongen dat it foarkommen fan ien of twa doelfoarmen nei te ferklearre wurde moat.

My tinkt dat it twatalige bern de ynfinityfsitewaasje yn it Hollânsk analysearret as ûnderlizzend <+n>, mar mei frije deleesje fan it einlûd -n. Mei it each op de frije distribúsje fan ynfinitiven op /-@n/ en /-@/ liket my dat net ûnwierskynlik. Dy regel soe der út sjen kinne as (21).

(21) N-deleesje yn it Hollânsk: It einlûd /-n/ kin frij delearre wurde yn it Hollânsk

Dy regel soe it bern maklik yn it YF oernimme kinne. Letter soed er dan ûntdekke kinne dat der yn it Frysk twa typen fan ynfinitiven binne. Soks foarseit dat it ûnderskied doelfoarm/nammefoarm yn it YF net ferdwûn is. De Hollânske sitewaasje <ϕn> is dus net oernaam. It ferskil tusken beide typen ynfinitiven yn it YF dat oanjûn wurdt yn (20) stipet dat idee.

Ik wol hjirby opmerke dat dat sizzen yn 'e persepsje net perfoarst bekrêftige hoecht te wurden. Ik kin my foarstelle dat de realisaasje fan it einlûd sa bot in ûnbewust ferskynsel is dat de realisaasje fan in "mispleatste" doelfoarm earder as wurdt, as as in ûngrammatikale útering. It goedkarren fan rigen lykas *fiskjen* gean by bf4 en te learen skriuwe by bf5[59] yn mF'94-b[60] soe dêr op wize kinne.

4.8 Konklúzje

Op basis fan 'e útkomsten fan dit fjildûndersyk liket it senario fan mingde taalynfier tidens de taalferwerving as ferklearring foar it YF it gaadlikst. Troch de grutte oerienkomst tusken it sprutsen Hollânsk en it sprutsen Frysk dy't yn 'e rin fan 'e tiid ûntstien is, konkludearret it bern yn 'e iere taalferwervingsperioade dat regels foar de iene taal ek yn 'e oare taal jildich binne, wannear't der gjin taalspesifike grûn is om it tsjindiel oan te nimmen. Frisismen yn it Hollânsk wurde lykwols, troch de sosjale ferhâlding tusken de twa talen, fermijd by it Hollânsk praten.

It bern nimt yn dy faze teminsten de mooglikheid fan ynverzje en de regel foar n-deleesje by ynfinitiven oer. Mei't it IPP-effekt einliks in σPP-effekt is, dat njonken ynfinitiven ek oare ûnmarkearre foarmen talit, wurde wy yn it YF konfrontearre mei tiidwurdrigen dy't op it earste each inkeld ynverzje ha en gjin IPP. It idee fan Den Dikken (1989) en De

---

[59] Troch respektivelik 70% en 45% fan 'e respondinten.

[60] Sjoch (4) yn it foarige haadstik.

Maan (1994) dat sksaimerken perkolaarje fis de RHHH wurdt bekräftige troch de útkomsten fan dit Ondersyk.

Twatsligens is dus de wierskynlike haadoarsaak fan de hjir Ondersochte taalferoaringe. It oernimmen fan Hollânske regels yn it Fryek liedt, yn kombinaasje mei in tal universele prinsipes, ta it YF.

Konklúzje

Gearfetting fan 'e útkomsten fan it fjildûndersyk

It YF is, alteast wat de tiidwurdlike einrige oanbelanget, in útwreide fariant fan it Frysk. Neist de GF foarmen, wurde ek in tal oare foarmen behearske. De GF foarmen wurde lykwols noch it meast brûkt. Dy kinne net allegear it risseltaat wêze fan direkte ûntliening oan it Hollânsk. Der binne in tal dúdlike patroanen te sjen binnen it korpus. Op grûn fan ferlikings mei oare toetsen kin konkludearre wurde dat de toets ridlik falide is en in beskate mjitte fan representativiteit hat.

Konklúzje

Yn it earste haadstik haw ik fjouwer ûndersyksfragen steld. Dy kin ik no beänderje op basis fan it materiaal fan it korpus en de analyze út haadstik 4.

-Hokker typen tiidwurdlike einrigen komme foar yn it YF?

(Suver) alle respondinten behearskje de GF tiidwurdskonstruksjes. In grut part fan harren brûkt dêrneist konstruksjes dy't net yn it GF, mar wol yn it Hollânsk foarkomme. Ek komme der konstruksjes foar, dy't net yn it GF, en ek net yn it Hollânsk foarkomme. Ik motivearje yn dit paper dat dy it risseltaat wêze moatte fan it ûnôfhinklik oernimme kinnen fan 'e ferskillende syntaktyske oandachtspunten út it Hollânsk wei.

-Yn hokker grammatikale kontekst komme Hollânske konstruksjes foar yn it Frysk (en mooglik ek oarsom)?

Ynwindich-Fryske eigenskippen liede derta dat net alle eigenskippen fan it Hollânsk oernaam wurde kinne yn it Frysk. Oarsom jildt dat ek, mar soks liket minder relevant te wêzen, om't net-standertkonstruksjes yn it Hollânsk der út kend en fermijd wurde, al wurde sy soms wol as grammatikaal ûnderkend.

-Yn hoefier is it oan te nimmen dat it YF it risseltaat is fan "mingde ynfier" en taalferwervingsflaters?

It YF is net it risseltaat fan taalferwervingsflaters. Oars sein, it YF is in grammatikaal systeem dat him folslein ûntjûn hat. De grammatika fan it YF befettet yndied Hollânske elemin-

ten en is wat dat oangiet dus mingd. Dat "mingen" krijt wierskynlik al syn beslach yn de iere taalferwerving en is in risseltaat fan mingde ynfier yn dy fase, as gefolch fan 'e taalsitewaasje yn Fryslân dy't yn de lâste tsientallen jierren as bot faroare is dat alle Fryskteligе bern ek in soad mei it Hollânsk konfrontearre wurde en twatalich opwaakse.

-Yn hoefier binne de tiidwurdlike einrigen dy't yn it YF foarkomme yn oerienstimming mei de literatuer oer tiidwurdlike einrigen oer it generaal?

De risseltaten dy't ik fûn ha, binne net hielendal te ferklearjen op grûn fan 'e bestaande literatuer. Wol wurde in tal prinsipes ût 'e literatuer bekrêftige troch de risseltaten. Ik doch in tal ûtstellen om dy Fryske data binnen de bestaande teoretyske ynsichten ynpasse te kinnen. Dêrby folgje ik benammen it ûtstel fan De Haan (1994).

List fan ôfkoartings

Sinstypen

	sin út mF'94-b
	sin út mN'94-b
	sin út mF'94-o
	sin út mN'94-o
	sin út sF'90, sF'92-ælden of
	sF'94

Syntaktyske skaaimerken

	skaaimerk fan 'e ynfinityf
<ynf>	skaaimerk fan 'e doelfoarm
<+D>	skaaimerk fan 'e nammefoarm
<+N>	skaaimerk fan in net
<sD>	spesifisearre (Hollânske)
	ynfinityf
	skaaimerk fan it ôfslutend
<+pp>	mulwurd

Syntaksis - oars

IPP	Infinitivum Pro Participio
RHHR	William's Right Hand Head Rule
S	standertfoarm
SFP	standertfoarm foar mulwurd
V_{HX}	helptiidwurd
V_{MX}	modaal helptiidwurd

Talen

GF	Geef-Frysk
YF	Ynterferinsjefrysk

Toetsen

mF'94	de hiele mûnlinge Frysktalige toets fan 1994
mF'94-b	de beoardielingstoets fan mF'94
mF'94-o	de oanfollingstoets fan mF'94

mN'94	de hiele mûnlinge Hollânsktalige toets fan 1994
mN'94-b	de beoardielingstoets fan mN'94
mN'94-c	de oanfollingstoets fan mN'94
sF	de toets dy't J. Ytsma Ontwurpen hat foar syn Ondersyk fan 1990
sF'90	de skriftlike Frysktalige toets fan 1990 (fan J. Ytsma syn Ondersyk)
sF'92-âlden	de skriftlike Frysktalige toets fan 1992, ôfnaam by it tal âlden fan de respondinten fan sF'90 (fan J. Ytsma syn Ondersyk)
sF'94	de skriftlike Frysktalige toets fan 1994


Taheakken

1. At Elvis Presley net stoarn wie, dan soed er no sechstich jier west ha (geweest zijn/zijn geweest)

f1a–At Elvis Presley net stoarn wie, dan soed er no sechstich jier
WEST HA(WWE)/HA(WWE) WEST .....

f1b–At ik tsien jier earder geboaren wèze soe, soe ik no fan skoalle ôf
WEST HA(WWE)/HA(WWE) WEST .....

f1c–At ik wist dat it my sa swier op 'e mage falle soe, soe ik beslist net sa folle fan dy pudding
ITEN HA(WWE)/HA(WWE) ITEN .....

f1d–Even wachtsje, jonges! De smoarge kopkes en pantsjes moatte noch wol
.....

2. Hasto in min sifer op dyn rippetysje? Dan hiest dy rippetysje ek mar better leare moatten (moeten leren).

f2a–Hasto in min sifer op dyn rippetysje? Dan hiest dyn rippetysje ek mar better
LEARE MOATTEN/MOATTE LEARE .....

f2b–Dy som is sa moeilijk, sei master, dy hie sels in professor net
MEITSJE KIND(KINNEN)/KINNE MEITSJE .....

f2c–Djip yn syn hert hie de toanielspiler einliks altyd leaver in clown
WEZE WOLD(WOLLEN)/WOLLE WEZE .....

3a. Ik soe dat puzeltsje bêst dwaan wolle. (doen willen/willen doen)

f3aa–Ik soe dat puzeltsje bêst
DWAAN WOLLE/WOLLE DWAAN .....

f3ab–Al is sa'n tennisskoech der net foar bedoeld, neffens my moast der toch ek wol mei tsjin in bal
SKOPPE KINNE/KINNE SKOPPE .....

3b. Us heit soe ús hûs noait troch sa'n djoere skilder fervje litte (laten schilderen)

f3ba–Us heit soe ús hûs noait troch sa'n djoere skilder
FERVJE LITTE/LITTE FERVJE .....

f3bb–Heit fynt autowaskjen sok moai wurk, dat hy wol it net troch ien fan de bern
DWAAN LITTE/LITTE DWAAN .....

4. Om't ik sin oan farske fisk hie, sei ús heit tsjin my: "Ast nocht haste, kinne we wol even by de mar te fiskjen gean." (gaan vissen)

f4a–Om't ik sin oan farske fisk hie, sei ús heit tsjin my: "Ast nocht haste, kinne we wol even by de mar
.....

5. Lytse bern kinne noch net skriuwe, dêrom binne der ek skoaljuffen om de bern dy't dat noch net kinne, skriuwe te learen. (te leren schrijven)

f5a–Lytse bern kinne noch net skriuwe, dêrom binne der ek skoaljuffen om de bern dy't dat noch net kinne,
SKRIUWE TE LEAREN .....

6. Dy minsken hawwe al sa lang gjin fatsoenlik iten hân, sille we har te iten treegje? (te eten vragen)

f6a–Dy minsken hawwe al sa lang gjin fatsoenlik iten hân, sille we har
.....

7. Jan hie in lekke bân, dat hy gong nei de fytsmakker om syn bân plakke te litten (te laten plakken).

f7a–Jan hie in lekke bân, dat hy gong nei de fytsmakker om syn bân
PLAKKE TE LITTEN .....

f7b–Nynke joech har treinkaartsje oan de kondukteur om it troch him
KNIPPE TE LITTEN .....

8. Ik haw ús pake noch noait sûnder bril in krante lêzen sjoen. (zien lezen)

f8a–Ik ha ús pake noch noait sûnder bril in krante
LEZEN SJOEN/SJEN LEZE .....

f8b–Se sizze dat hy hiel goed foar clown spilet, mar ik haw him noch noait foar clown
SPYLJEN SJOEN/SJEN SPYLJE .....

f8c–Dy sangeres haw ik dat ferske al faker
SJONGEN HEARD/HEAR(R)E SJONGE .....

f8d–It kin bêst wêze dat dy man sigaren rookt, mar ik haw him noch noait in sigaar
ROKEN SJOEN/SJEN ROKE .....

9. De muorren wienen sa tin, dat ik koe ús buorlju dúdlik oer polityk praten hearre. (horen praten)

f9a–De muorren wienen sa tin, dat ik koe ús buorlju dúdlik oer polityk
PRATEN HEAR(R)E/HEAR(R)E PRATE .....

Overigen – distractors

dim1–Us mem hat in hiele grutte trui breide, mar doe't dy út de woskmasine kaam, wie it noch mar in hiel lyts
.....

dim2–In swier skilderij moat oan in grouwe spiker, mar foar in lytsenien kinst wol ta mei in lyts
.....

dim3–In strúsfúgel leit in hiel grou asi. In hintsje net, dy leit mar in

dim4–De bestjoerder fán de sportauto sjoerde mei in smel

dim5–Dy jonge hat twa ferskillende earen: in grut ear en in folle lytzer

dim6–Dy tsjerke fersakket hielendal. Yn 'e toer sit in brede skuor. In pear jier lyn wie dat noch net sa. Doe slet er yn dy muorre noch mar in lyts

Beoordelingen

bf1–Jan gong nei de klokmakker om syn horloazje te reparearje litte

O goed O twivel
O min

---

bf2–We kinne wol even by it kanaal te fiskjen gean

O goed O twivel
O min

bf3–Dy kursus is der om bûtenlanners in brief skriuwe te learen

O goed O twivel
O min

bf4–We kinne wol even by de sleat gean fiskjen

O goed O twivel
O min

Dat soe ik no noait net dwaan, sei Piter

bf5–Us heit gong nei de garaazje om syn auto meitsje te litten

O goed O twivel
O min

---

bf6–We kinne wol even by de see gean fiskje

O goed O twivel
O min

bf7–Us mem gong nei de fytsmakker om har fyts te litte meitsje

O goed O twivel
O min

Pyt wol graach witte wat de mooglikheden binne

bf8–We kinne wol even by de see gean te fiskjen

O goed O twivel
O min

bf9–Leararen binne der om bern in opstel te leare skriuwe

O goed O twivel
O min

---

bf10–We kinne dy minsken wol te iten freegje

O goed O twivel
O min

In oantal minsken sil dat TV-programma net wurdearje

bf11–We kinne wol even by it kanaal fiskjen gean

O goed O twivel
O min

bf12–Us pake gong nei de garaazje om syn auto te litten meitsje

O goed O twivel
O min

It hûs wat dêr stiet, hat in skean dak

bf13–Dizze kursus is bedoeld om de minsken in brief te learen skriuwe

O goed O twivel
O min

bf14–We kinne wol even by de see fiskje gean

O goed O twivel
O min

---

bf15–Jan gong nei de klokmakker om syn horloazje te reparearje litten

O goed O twivel
O min

1. Als Marilyn Monroe niet overleden was, dan zou ze nu zestig jaar geweest zijn/zijn geweest (west ha)

n1a–Als Marilyn Monroe niet overleden was, dan zou ze nu zestig jaar
. . . . . .

n1b–Als ik twintig jaar eerder geboren zou zijn, zou ik nu van school af
. . . . . .

n1c–Als ik wist dat het zo vies zou smaken, zou ik nooit van die limonade
. . . . . .

2. Heb je een slecht cijfer voor je rapport? Dan had je je huiswerk maar beter moeten maken (meitsje moatten)

n2a–Heb je een slecht cijfer voor je rapport? Dan had je je huiswerk maar beter
. . . . . .

n2b–Dat raadseltje is zo moeilijk, dat had zelfs de slimste jongen van de klas niet
. . . . . .

n2c–Eigenlijk had de clown altijd liever een akrobaat
. . . . . .

3a. Ik zou dat puzzeltje best willen doen/doen willen (dwaan wolle)

n3aa–Ik zou dat puzzeltje best
. . . . . .

n3ab–Al zijn klompen er dan niet voor gemaakt, volgens mij moet je er toch ook wel mee tegen een bal
. . . . . .

3b. Mijn oom zou zijn auto nooit door die monteur laten maken (meitsje litte)

n3ba–Mijn oom zou zijn auto nooit door die monteur
. . . . . .

n3bb–Moeder vindt het schilderen van de voordeur zulk leuk werk, ze zou het nooit door een van de kinderen
. . . . . .

4. Omdat ik zin had in verse vis, zei vader tegen mij: *Als je zin hebt, kunnen we wel even bij de sloot gaan vissen (te fiskjen gean)

n4a–Omdat ik zin had in verse vis, zei vader tegen mij: *Als je zin hebt, kunnen we wel even bij de sloot
. . . . . .

5. Kleine kinderen kunnen nog niet klokkijken, daarom zijn er leraren om de kinderen die dat nog niet kunnen te leren klokkijken.

n5a–Kleine kinderen kunnen nog niet klokkijken, daarom zijn er leraren om de kinderen die dat nog niet kunnen

6. Die mensen hebben al zo lang geen fatsoenlijk eten gehad, zullen we ze te eten vragen (te iten freegje)?

n6a–Die mensen hebben al zo lang geen fatsoenlijk eten gehad, zullen we ze

7. Vader had een lekke band, daarom ging hij naar de fietsenmaker om zijn band te laten plakken (plakke te litten)

n7a–Vader had een lekke band, daarom ging hij naar de fietsenmaker om zijn band

n7b–Fred gaf zijn treinkaartje aan de conducteur om het door hem

8. Ik heb mijn oom nog nooit zonder bril een krant zien lezen (lêzen sjoen)

n8a–Ik heb mijn oom nog nooit zonder bril een krant

n8b–Peter zegt dat zijn moeder heel vaak de kamer stofzuigt, maar ik heb haar nog nooit de kamer

n8c–Die zanger heb ik dat liedje al eens eerder

n8d–Misschien drinkt die man best wel eens bier, maar ik heb hem nog nooit bier

9. De muren waren zo dun, ik kon de buren heel duidelijk over politiek horen praten (praten hearre)

n9a–De muren waren zo dun, ik kon de buren heel duidelijk over politiek

Overigen – distractors

Onze nieuwe buurman zei laatst dat

Is dat een blauwe auto of denk je



Beoordelingen

bn1–We kunnen wel even bij het meer te vissen gaan

O goed O twijfel
O slecht

Peter wist daar niet van waar het over ging

bn2–Die cursus is er om kinderen een brief schrijven te leren

O goed O twijfel
O slecht

bn3–We kunnen wel even bij de sloot gaan vissen

O goed O twijfel
O slecht

Dat zou ik nou nooit niet willen

bn4–Jan ging naar de garage om zijn auto maken te laten

O goed O twijfel
O slecht

---

bn5–Nynke ging naar de fietsenmaker om haar fiets te laten maken

O goed O twijfel
O slecht

Ze waren het er wel mee eens dat het zo moest

bn6–We kunnen wel even bij de zee gaan te vissen

O goed O twijfel
O slecht

bn7–Deze opdrachten zijn er om kinderen een opstel te leren schrijven

O goed O twijfel
O slecht



falle - litten - litte - fallen

Pas op! Do moast dy faas net _____ _____

kinne - kommen - komme - kinnen

Do soest ek wol op myn feestje _____ _____

sjonge - hearren - hearre - sjongen

Ik wol Madonna graach ris yn it echt _____ _____

bliuwe - lizzen - lizze - bliuwen

Dat boek kin dêr wol _____ _____

helpe - moatte - moatten - helpen

Klaas hie syn lytse suske _____ _____

litten - falle - fallen - litte

Eo! Dêr hie ik myn bril hast _____ _____

rinnen - sjen - sjoen - rinne

Ik ha juf yn de stêd _____ _____

bleaun - lizze - lizzen - bliuwe

Jan is te lang op bêd _____ _____

Bibiliografy

Abraham, W. (1994), 'Kaynes Asymmetriehypothese und die Abfolge im V-Komplex', yn: *Groninger Arbeiten zur Germanistischen Linguistik* nr. 37, Grins: Rijksuniversiteit Groningen.

Aitchinson, J. (1991), *Language change: progress or decay*, Cambridge: Press Syndicate of the University of Cambridge.

Appel, R. en P. Muysken (1987), *Language contact and bilingualism*, Londen: Edward Arnold.

Arnberg, L.N. & P.W. Arnberg (1992), 'Language awareness and language separation in the young child', yn: Harris, R.J. (ed) (1992), *Cognitive processing in bilinguals*, Advances in psychology 83, Amsterdam: Elsevier.

Besten, H. den & H. Broekhuis (1989), 'Woordvolgorde in de werkwoordelijke eindreeks', yn: *GLOT* 12.

Boelens, K. & J. Ytsma (1989), 'Bern en brekking; In ûndersyk nei taalwinning en taalferoaring', yn: *It Beaken* 1989 Nr. 2, s.103-114.

Booij, C., J. Meinardi & K. Spoelman (1980), *Een onderzoek naar veranderingen in het Gronings; De alternantie in het presens enkelvoud en de groene volgorde*, Grins: net publisearre ûndersyksferslach.

Breuker, P. (1984a), 'Oer it lienen fan bûne morfemen út it Hollânsk yn it Westerlauwerske Frysk', yn: N.R. Århammer e.a. (eds.), *Miscellanea Frisica; In nije bondel Fryske stúdzjes*, Assen: Van Gorcum.

Breuker, P. e.o. (1984b), *Foar de taalspegel; Koart oersjoch fan Hollânske ynslûpsels yn it Frysk*, Ljouwert: AFUK.

Dyk, S. & J. Hoekstra (ed.), (1987), *Ta de Fryske syntaksis*, Ljouwert: Fryske Akademy.

Dikken, M. den (1989), 'Verb Projection Raising en de analyse van het IPP-effect', yn: *TABU* 19-2, s.59-75.

Eising, G., W. Koopmans & M. Wieberdink (1981), *Een onderzoek naar interferentie in de vervoeging van het zwakke werkwoord en de volgorde in de bijzin in het Fries van Abbega*, Grins:

net publisearre ûndersyksferslach.

Eisma, D. (1989), *Tiidwurden*, Ljouwert: AFUK.

Evers, A. (1975), *The transformational cycle in Dutch and German*, diss. Utert: Rijksuniversiteit Utrecht.

Feitsma, A. (1971), 'Onderzoek naar tweetaligheid in Friesland', yn: Feitsma, A. & M. van Overbeke (1971), *Tweetaligheidsproblemen*, Bijdragen en mededelingen der dialectcommissie van de Koninklijke Nederlandse Akademie van Wetenschappen, Amsterdam: Noord-Hollandsche Uitgevers Maatschappij,

Gorter, D. e.a. (1984), *Taal yn Fryslân*, Ljouwert: Fryske Akademy.

Grosjean, F. (1982), *Life with two languages*, Cambridge: Harvard University Press.

Haan, G. de (1987), 'De syntacticus als frisist', yn: Dyk & Hoekstra (1987).

Haan, G. de (1990), 'Grammatical borrowing and language change: the Dutchification of Frisian', yn: D. Gorter e.a. (eds.), *Fourth International Conference on Minority Languages. Vol I: General Papers*, Clevedon: Multilingual Matters Ltd.

Haan, G. de (1992a), 'The verbal complex in Frisian', yn: *Us Wurk* 1992.

Haan, G. de (1992b), *Meertaligheid in Friesland*, Doardt: ICG-Printing.

Haan, G. de (1994), *Inversion in the verbal complex of Dutchified Frisian*, net publisearre paper.

Haeseryn, W.J.M. (1990), *Syntactische normen in het Nederlands: een empirisch onderzoek*, diss: Nijmegen: Katholieke Universiteit Nijmegen.

Hoekstra, E. (1994a), *Over de distributie van infinitieven op -E en -EN in het Fries en het Westfries*, lêzing presintearre op TABU-dag, 24 juny 1994, Grins: Rijksuniversiteit Groningen.

Hoekstra, E. (1994b), *Analysing linear asymmetries in the verb clusters of Dutch and Frisian and their dialects*, Working papers in the syntax of West-Germanic dialects, Amsterdam: P.J. Meertens Instituut.

Hoekstra, J. (1987), *Ik hoop dat se de spigel net sille brekke; In ûndersyk nei taalgebrûk by frysktalige mafû-learlingen*, Harns: net publisearre ûndersyksferslach.

Hoekstra, J. (1989), 'A note on the typology of te-infinitives in Frisian', yn: *NOWELE* 14 (1989), s.19-51.

Hoekstra, J. (1990), 'Trijetiidwurdkonstruksjes', yn: *It Beaken* 52, s.59-95.

Hoekstra, J. (1992), 'Fering tu-infinitives, North Sea Germanic syntax and Universal Grammar', yn: *NOWELE*, suppl. vol 8, s.99-142.

Ytsma, J. (1995), *Frisian as first and second language: Sociolinguistic and socio-psychological aspects of the acquisition of Frisian among Frisian and Dutch primary school children*, diss. Tilburg, Ljouwert: Fryske Akademy (te ferskinen).

Jong, S. de & A.M.J. Riemersma (1994), *Taalpeiling yn Fryslân; Onderzoek naar de beheersing van het Fries en het Nederlands aan het einde van de basisschool*, Ljouwert: Fryske Akademy.

Kayne, R.S. (1993), *The antisymmetry of syntax*, Ms., New York: CUNY.

Kalma, D. (1950) 'Sizze, to sizzen, sizzen. (Mienefoarm, ferhâldingsfoarm, tiidwurfoarm)', yn: *De Pompeblêden XXI*, s.83-89.

Meer, G. van der (1990), 'De Infinitivus pro Participio: een nieuwe verklaring', yn: *TABU* 20, s.29-48.

Parodi, T. (1990), 'Word order and case morphology', yn: Meisel, J.M. (1990) (ed.), *Two first languages; Early grammatical development in bilingual children*, Doardt: Foris.

Popkema, J. (1984), 'Inkelde opmerkings oer Fryske en Nederlânske syntaksis', yn: Dyk & Hoekstra (1987).

Reuland, E. (1990), 'Infinitieven in het Fries en de aard van functionele categorieën', yn: *TTT* jrg. 9 nr. 4, s.287-309.

Sjölin, B. (1976), *Min Frysk; een onderzoek naar het ontstaan van transfer en "code-switching" in het gesproken Fries*, Bijdragen en mededelingen der dialectencommissie van de Koninklijke Nederlandse Akademie van Wetenschappen, Amsterdam: Noord-Hollandsche Uitgevers Maatschappij.

Tiersma, P.M. (1985), *Frisian reference grammar*, Doardt: Foris.

Tiersma, P.M. (1986), *Language change in a bilingual community: some Frisian data*, paper presintearre op Dutch Linguistics Colloquium, Univ. of California, 9-11-1985.

Wyngaerd, D. vanden (1994), 'IPP and the structure of participles', yn: *Groninger Arbeiten zur Germanistischen Linguistik* nr. 37, Grins: Rijksuniversiteit Groningen.

Zwart, J.W. (1994), *Verb clusters in continental West Germanic dialects*, paper presintearre op 18th Annual Meeting of the

Atlantic Provinces Linguistic Association op 29-10-1994, Saint John: University of New Brunswick.